This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

+ *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.
+ *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.
+ *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.
+ *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at `http://books.google.com/`

Over dit boek

Dit is een digitale kopie van een boek dat al generaties lang op bibliotheekplanken heeft gestaan, maar nu zorgvuldig is gescand door Google. Dat doen we omdat we alle boeken ter wereld online beschikbaar willen maken.

Dit boek is zo oud dat het auteursrecht erop is verlopen, zodat het boek nu deel uitmaakt van het publieke domein. Een boek dat tot het publieke domein behoort, is een boek dat nooit onder het auteursrecht is gevallen, of waarvan de wettelijke auteursrechttermijn is verlopen. Het kan per land verschillen of een boek tot het publieke domein behoort. Boeken in het publieke domein zijn een stem uit het verleden. Ze vormen een bron van geschiedenis, cultuur en kennis die anders moeilijk te verkrijgen zou zijn.

Aantekeningen, opmerkingen en andere kanttekeningen die in het origineel stonden, worden weergegeven in dit bestand, als herinnering aan de lange reis die het boek heeft gemaakt van uitgever naar bibliotheek, en uiteindelijk naar u.

Richtlijnen voor gebruik

Google werkt samen met bibliotheken om materiaal uit het publieke domein te digitaliseren, zodat het voor iedereen beschikbaar wordt. Boeken uit het publieke domein behoren toe aan het publiek; wij bewaren ze alleen. Dit is echter een kostbaar proces. Om deze dienst te kunnen blijven leveren, hebben we maatregelen genomen om misbruik door commerciële partijen te voorkomen, zoals het plaatsen van technische beperkingen op automatisch zoeken.

Verder vragen we u het volgende:

+ *Gebruik de bestanden alleen voor niet-commerciële doeleinden* We hebben Zoeken naar boeken met Google ontworpen voor gebruik door individuen. We vragen u deze bestanden alleen te gebruiken voor persoonlijke en niet-commerciële doeleinden.

+ *Voer geen geautomatiseerde zoekopdrachten uit* Stuur geen geautomatiseerde zoekopdrachten naar het systeem van Google. Als u onderzoek doet naar computervertalingen, optische tekenherkenning of andere wetenschapsgebieden waarbij u toegang nodig heeft tot grote hoeveelheden tekst, kunt u contact met ons opnemen. We raden u aan hiervoor materiaal uit het publieke domein te gebruiken, en kunnen u misschien hiermee van dienst zijn.

+ *Laat de eigendomsverklaring staan* Het “watermerk” van Google dat u onder aan elk bestand ziet, dient om mensen informatie over het project te geven, en ze te helpen extra materiaal te vinden met Zoeken naar boeken met Google. Verwijder dit watermerk niet.

+ *Houd u aan de wet* Wat u ook doet, houd er rekening mee dat u er zelf verantwoordelijk voor bent dat alles wat u doet legaal is. U kunt er niet van uitgaan dat wanneer een werk beschikbaar lijkt te zijn voor het publieke domein in de Verenigde Staten, het ook publiek domein is voor gebruikers in andere landen. Of er nog auteursrecht op een boek rust, verschilt per land. We kunnen u niet vertellen wat u in uw geval met een bepaald boek mag doen. Neem niet zomaar aan dat u een boek overal ter wereld op allerlei manieren kunt gebruiken, wanneer het eenmaal in Zoeken naar boeken met Google staat. De wettelijke aansprakelijkheid voor auteursrechten is behoorlijk streng.

Informatie over Zoeken naar boeken met Google

Het doel van Google is om alle informatie wereldwijd toegankelijk en bruikbaar te maken. Zoeken naar boeken met Google helpt lezers boeken uit allerlei landen te ontdekken, en helpt auteurs en uitgevers om een nieuw leespubliek te bereiken. U kunt de volledige tekst van dit boek doorzoeken op het web via `http://books.google.com`

LIBRARY OF THE
UNIVERSITY OF MICHIGAN

BS
2574
.F9
H16

A

Bible. N.T. Matthew Friesian 1884

HET

EVANGELIE

VAN

MATTHEUS

VERTAALD IN HET LAND-FRIESCH

DOOR

J. H. HALBERTSMA.

LONDON:
BRITISH AND FOREIGN BIBLE SOCIETY.
1884.

4-25-30.emb
2-23-30
11403

IT

EWANGEELJE

FEN

MATTHÉWES.

I.

1 IT boek fen it scâi fen Jesus Christus, di soan fen David, di soan fen Abraham.

2 Abraham woan Isaäk; Isaäk woan wer Jacob; Jacob woan wer Judas ind syn broárren;

3 Judas woan wer Phares ind Sara by Thamar; Phares woan wer Esrom; Esrom woan wer Aram;

4 Aram woan wer Aminadab; Aminadab woan wer Naässon; Naässon woan wer Salmon;

5 Salmon woan wer Boöz by Rachab; Boöz woan wer Jobed by Ruth; Jobed woan wer Jessai;

6 Jessai woan wer David, di kening; David di kening woan wer Salomon by Urias wiif;

7 Salomon woan wer Roboam; Roboam woan wer Abia; Abia woan wer Asa;

8 Asa woan wer Josaphat; Josaphat woan wer Joram; Joram woan wer Ozias;

9 Ozias woan wer Joätham; Joätham woan wer Achaz; Achaz woan wer Ezekias;

10 Ezekias woan wer Manasse; Manasse woan wer Amos; Amos woan wer Josias;

11 Josias woan wer Jechoniaz ind syn broárren om it forfarren nei Babilon hinne;

12 Nei di Babilonisce forfarringe woan Jechoniaz wer Salathiel; Salathiel woan wer Zorobabel;

13 Zorobabel woan wer Abiud; Abiud woan wer Eliakin; Eliakin woan wer Azor;

14 Azor woan wer Sadok; Sadok

woan wer Achim; Achim woan wer Eliud;

15 Eliud woan wer Eleazar; Eleazar woan wer Matthan; Matthan woan wer Jacob;

16 Jacob woan wer Joseph, di man fen Maria, dær Jesus, bynéamd Christus, uwt spruwten is.

17 Al di slachten doz fen Abraham oaf oan David ta binne fjirtsjien slachten; ind fen David oaf oan it Babilonisce forfarren ta eák fjirtsjien slachten; ind fen it Babilonisce forfarren oan Christus ta eák fjirtsjien slachten.

18 Jesus Christus syn berthe wier sa. Do syn mem Maria mei Joseph boaske hie' foan men, eár 't hja to geárre wennen, dat hja dréach wier fen di hillige gaest.

19 Nou, Joseph hjar man, omdat hy nommel wier ind hjar naet foár di wrâld ta scande meitse woe', wier fen sins om hjar stilkes to forlitten.

20 Mar do hy soks foárnomd hie', hen, 's hearen yngel kaem as ien scynsel foár him yn di droage sizzende, "Joseph, "Davids soane! Wæs naet scruten óm "Maria, dyn wiif, ta dy to nimmen:

" want hwat hja scipe hat is uwt di
" hillige gaest.

21 " Hja nou scil ien soan helje, ind
" dou scilste syn namme hjitte Jesus;
" want hy scil syn lânslju' losje fen hjar
" suwnen."

22 Mar dit alles is bard, dat uwtkomme scoe' hwat fen di héare spritsen is throch di profeet, sizzende,

23 " Hen, di faem scil dréach wirde
" ind ien soan helje, ind hja scille syn
" namme néame Emmanuel," (dat forthsjutsce sizze wol, " God mei uws.")

24 Nou Joseph uwt di sliep forriisjende die' lyk as des héaren yngel him oplein hie', ind hat syn wiif ta him nomd,

25 Mar hy bislepte hjar naet eár dat hja hjar éarstberne soan helle hie'; ind hy binéamde him mei di namme fen JESUS.

II.

1 DO nou Jesus berne wier to Bethlehem yn Judea yn kening Herodes dagen, hen, binne dær wîzen fen éasteradelen to Jerusalem oankomd,

2 Sizzende, " Hwære is di kening fen
" di Jeuden, di berne is? Wy hawwe

"ommers syn steárre yn it éasten sjoen
"ind binne komd om him to hildjen."

3 Di kening Herodes nou, as hy dit heárde, waerd éang ind hiel Jerusalem mei him.

4 Ind di haedprêsters ind di scruftgeléarden by ienoár bringende fréagge hy hjar, hwær di Christus berne wirde moast?

5 Hja nou seinen tsjin him, "To
"Bethlehem yn Judea; want sa is scréaun
"throch di profeet;

6 "'Ind dou, Bethlehem, lân' fen
"Juda; dou biste lang di minste naet
"onder di prinsen fen Juda; want uwt
"dy scil di lieder foártkomme, dy myn
"folk weidje scil.'"

7 Do hat Herodes di wîzen stilkes roppen, ind hi fréagge hjar wakker nei di tiid, do di steárre opdéage wier.

8 Dærop hjar nei Bethlehem stjoerende sei hy, "Reisgje hinne ind fornim
"flitich nei dat bernke, ind as jimme it
"foun' hawwe stjoer my tynge, dat ik'
"eák kom ind it hildje."

9 Hja den di kening heárd hawwende binne foárttein; ind hen, di steárre dy 't hja yn it éasten sjoen hiene, gong foár

hjar uwt, ont hja kaem ind stoe' boppe it plak, dær it bernke wier.

10 Do hja nou di steárre séagen forhuwggen hja hjar mei wakker gréate blydscip.

11 Ind yn it huws kommende séagen hja it boike mei Maria syn mem, ind knibbeljende habbe hja it hilde: ind hjar kastkes opdwaende brochten hja him jeften, goald ind wierk ind myrre.

12 Ind yn di droage throch goadlike ynjouwinge formoánne, dat hja naet nei Herodes to-bek géan moasten, forsidden hja lâns ien oare wei wer nei hjar lân ta.

13 Do hja nou weitein wierne, hen, 's hearen yngel kaem as ien scynsel foár Joseph yn di droage, sizzende, "Forriis "ind nim it boike ind syn mem, ind "flechtje yn Egypten, ind bljouw dær ta "dat ik it dy sizz'. Herodes ommers "scil it boike siikje om it déad to meit-"sen."

14 Hi doz forriisjende naem it boike ind syn mem yn di nacht ind téach er mei wei nei Egypten ta,

15 Ind hy wier dær oan di déad fen Herodes ta, dat sa neikomme scoe', hwat

di héare sprutsen hie' throch di profeet sizzende, "Uwt Egypten haw' ik myn "soan roppen."

16 Do Herodes séach, dat hy fen di wîzen bitritsen wier, waerd hy swîde grimmitich, ind dær syn feinten op âstjoerende het hy alle bern, dy to Bethlehem ind yn hjar gerjochtigheid wierne, fen kant holpen, fen twa jier ind dær onder, nei di tiid, dy hy wakker by di wîzen uwtfiske hie'.

17 Do is uwtkomd hwat fen di profeet Jeremias spritsen wier, sizzende,

18 "Ien stimme is yn Rama héard, "geklei ind gréat getjirm. Rachel kriet "oer hjar bern, ind hja woe' hjar naet "thréastje litte omdat hja wei wierne."

19 Do nou Herodes uwt di tiid wier, hen, 's hearen yngel kaem as ien scynsel foár Joseph yn di droage yn Egypten,

20 Sizzende, "Forriis, nim it boike "ind syn mem, ind géan yn it lân' fen "Israel; want hja binne forstoarn, dy "di siele fen it boike sochten."

21 Hy nou forriisjende naem it boike ind syn mem ind kaem yn it lân' fen Israel.

22 Mar do hy heárde, dat Archelaus

yn Judea kening wier foár syn heit Herodes, wier hy scruten om dær hinne to géan; mar throch ien goadelike iepenbieringe yn di droage formóanne is hy fortein nei Galileadelen.

23 Ind dær kommende tsjorre hy him yn di stead dy Nazareth hjit, dat sa neikomme scoe' hwat fen di profeten sein is, dat hy Nazarenus néamd wirde scoe'.

III.

1 YN dy dagen nou kaem Joannes di doaper preekjende yn di woastine,

2 Sizzende, "Bikeer jimme, want it "keningryk fen di himelen is op hân'.

3 "Want hy is it, fen hwa sprutsen is "throch Jesayas di profeet, sizzende, "'Di stimme fen di roppende yn di woas-"tine, 'Meitse di baen fen di heare "kléar; meitse syn paden riucht.'"

4 Dy sel'de Joännes hie' syn kléan fen kimelshier ind ien leêren gul om syn mil. Dærby wier syn iten fjildimerkes ind wylde hunich.

5 Do is hiel Jeruzalem ta him uwtgien, ind hiel Judéa ind it hiele lân' om di Jordaen eák.

6 Ind hja waerden fen him doapt yn di Jordaen bilidende hjar suwnen.

7 Hy nou sjænde folle fen di Farisieuwen ind Sadducieuwen ta syn doape kommen sei tsjin hjar, "Jimme njirre-"brot! Hwa het jimme it paed wiisd "om it takommene wrekfjoer to ontrin-"nen?

8 "Draech den mar frucht, dy di "bikeringe wirdich is.

9 "Ind think net yn jimme selme to "sizzen, 'Wy habbe Abraham ta uws "heit;' want ik sizz' jimme, dat God "Abraham eák uwt dizze stjinnen bern "helje ken.

10 "Di bile is al by di wirtel fen di "bjemmen lein. Eltse béam den, dy nin "goede frucht draecht, wirdt uwtroid "ind yn it fjoer wyd.

11 "Ik doapje jimme wol mei wetter "ta bikeringe, mar dy nei my komt is "méar mansk as ik, dy ik net wirdich "bin di scuón nei to dragen: dy scil "jimme mei dy hillige gaest ind mei "fjoer doapje.

12 "Dy syn wanne yn di hân het, ind "syn therskflier scjin oanfeye scil, ind "syn hweet yn di scuórre ride scil, mar

"it tsjæf mei ondwestlyk fjoer for-
"barne."

13 Do kaem Jesus fen Galilea nei di Jordaen by Joannes om fen him doapt to wirden;

14 Mar dy wegerre it him sizzende, "Ik hab it nedich om fen jou doapt to "wirden, ind komme jy ta my?"

15 Mar Jesus anderde ind sei him, "Axelje nou net tsjin; it hjert ommers "sa om op dy wîze elts ding syn "geriuchtigheit to jaen." Do stie' hy it him ta.

16 Do Jesus doapt wier is hy mei íén uwt it wetter opstien. Ind hen, di himelen iepennen hjar foár him, ind hi seách di gaest Goads delsaeyen lyk as ien douwe ind op him kommen.

17 Ind hen, ien stimme kaem uwt di himelen sizzende, "Dit is myn soan ind "ljéafling yn hwa ik myn biheagen haw."

IV.

1 DO waerd Jesus fen di gaest weilaet yn di woastine om hifke to wirden fen di dîwel.

2 Ind do hy fjirtich dagen ind fjirtich

nachten fæste hie' krigge hy to lange
læsten hoenger.

3 Ind di forlieder neyer kommende
sei' tsjin him, "Asthou Goads soan biste
"sizz' den dat dizze stjinnen breaën
"wirde."

4 Mar hy anderde ind sei, "Dær stiet
"scréaun, 'Di minsce scil by brea' al-
"lonne naet libje, mar by elts wird dat
"ta Goads muwle uwtgiet.'"

5 Do naem him di dîwel mei nei di
hillige sted ind thilde him op di bop-
peste trans fen di timpel,

6 Ind sei oan him, "Asthou Goads
"soan biste smyt dy den fen boppen
"del; dær stiet ommers scréaun, dat hy
"syn ingels oer dy hjitte scil, ind dat
"hja dy op di hannen nimme scille,
"dat-s-thou dy ta nintere tiid oan ien
"stien stjitte scoeste."

7 Jesus sei tsjin him, "Dær stiet al
"wer scréaun, 'Dou scilste di héare dyn
"God naet hifkje.'"

8 Alwer naem him di dîwel mei op
ien wakker héage berch, ind wies him al
di keningriken fen di wrâld ind hjar
héarlikheit,

9 Ind hi sei him, "Dat scil ik dy

"allegéarre jaen asthou knibbeljende my
"to foet falle scilste."

10 Do sei Jesus oan him, "Scéar dy
"wei fen my, satan! Dær stiet ommers
"scréaun, 'Di héare dyn God scilste to
"foet falle ind him allonne oanbidje.'"

11 Do hâldde di dîwel fen him oaf,
ind hen, di ingels kamen by him ind
thsjinnen him.

12 As nou Jesus hjerde, dat Joännes
opbrocht wier, keerde hy werom nei
Galilea ta.

13 Ind Nazareth forlittende is hy for-
féarn nei Capernaum lizzende oan séa by
di pjellen fen Zabulon ind Naphtalim,

14 Dat neikomme scoe' hwat fen di
profeet Jesajas sein waerd,

15 "Lân' Zabulon ind lân Nefthalim
"oan e' wei lâns di séa oer di Jordaen,
"Galilea fen di folken;

16 "It folk, dat yn di thsjusternisse
"siet, het ien gréat ljocht sjoen, ind
"dyjenige, dy sieten yn it lân' ind yn it
"scaed fen di déad, is ien ljocht opgien."

17 Do is Jesus foártoan bigoun to
preekjen ind to sizzen, "Bikeer jim-
"me; want it keningryk fen di himelen
"is nei oankomd."

18 Jesus ienris kuyerjende lâns di séaswâl séach twa broárren, Simon, yn e' wânlinge Petrus, ind Andreas syn broar, it net yn séa smitende; want hja wierne fiskers.

19 Ind hi sei tsjin hjar, "Folgje my, "ind ik scil jimme fiskers fen minscen "meitse."

20 Hja nou yn ienen di netten stéan littende binne him folge.

21 Ind hy dær fen dinne fjirder géande séach twa oare broárren, Jacobus Zebedeus-soan, ind Joannes, syn broar, mei hjar heit yn di aek hjar netten butjende; dizze het hy eák roppen.

22 Hja nou yn ienen hjar fartuech ind heit forlittende binne him folge.

23 Ind Jesus gong throch hiel Galilea léarende yn hjar synagogen ind kundigjende di blîde tynge fen it keningryk, inde genæzende alle sjeachtme ind alle kerbintigheid onder it folk.

24 Ind di rop fen him gong uwt fen dær oer hiel Syrien; ind hja brochten alle ljû ta him dy fen streek wierne, mei alderlei sjeachtmen ind pinen biset, ind riden fen ien dîwel, ind moánnesîken ind lammen, ind hy genæsde hjar.

25 Ind hiele héapen folggen him fen Galilea ind Decapolis ind Jeruzalem ind Judea ind fen oer di Jordaen.

V.

1 SJÆNDE nou dy scaren kléau hy op ien héage therp, ind do er sitten gien wier kamen syn léarlingen by him.

2 Dærnei syn muwle iepenjende onderwiisde hy hjar sizzende;

3 "Sillich di éarmen fen gaeste; "want hjarres is it keningryk fen di hi- "melen.

4 "Sillich di sæftaerdige; want hja "scille di ierde erfje.

5 "Sillich dy trure; want hja scille "thréastge wirde.

6 "Sillich dy honger ind thoarst "hawwe nei di riuchtfirdigheid; want "hja scille hjar biderf habbe.

7 "Sillich di barmhertigen; want hja "scille barmhertigheid onderfine.

8 "Sillich di lottere fen herte; want "hja scille God sjæn.

9 "Sillich di fredemakkers; want "hja scille Goads soánnen néamd "wirde.

10 "Sillich dy forfolge wirde om di
"rjochtfirdigheid; want hjarres is it
"keningryk fen di himelen.
11 "Sillich binne jimme, as dy
"minscen op jimme smeule ind léagjende
"alderlei quéa fen jimme sprekke.
12 "Wæs bliid ind juwchje; jimme
"léan is gréat yn di himelen: want sa
"hawwe hja eák di profeten, dy foár
"jimme wieren, forfolge.
13 "Jimme binne it sâlt fen di ierde:
"as nou it sâlt læf wirdt, hwær scil den
"mei sâlten wirde? It doach néarne ta
"as om buwte doar smiten ind fen di
"minscen fortrape to wirden.
14 "Jimme binne it ljocht fen di
"wrâld. Ien sted lizzende op ien berch
"ken naet forholen bliuwe.
15 "Men stekt eák nin kærse oan
"ind set dy onder ien lippensmjitte,
"mar op ien kandeler, ind hja ljochtet
"alle lju' tsjin, dy 't yn huws binne.
16 "Lit sa eák jimme ljocht scine
"foár di minscen, dat hja jimme goede
"wirken sjæne, ind jimme heit, dy 't yn
"e' himelen is, forhearlykje.
17 "Think naet dat ik komd bin om
"di wet ind di profeten âf-to-brekken:

"ik bin naet komd om dy âf-to-brekken,
"mar ta ien uwtfiering to bringen.
18 "Want siker sonk sizz' ik jimme,
"ont di himelen ind di ierde foárby-
"géane scil er nin íén jota ind nin íén
"tipke fen ien letter weifalle foár dat
"alles uwtfierd is.
19 "Hwa den íén fen di minste fen
"dizze geboden to njette dien het ind di
"minscen eák sa onderwiist, dy scil di
"minste yn it keningryk fen di himelen
"néamd wirde: mar hwa hjar dien ind
"léard hawwe scil, dy scil gréat néamd
"wirde yn it keningryk fen di himelen.
20 "Want ik sizz' jimme, as jimme
"rjochtfirdigheid net uwtstekt boppe
"dy fen di scruftgeléarden ind Farisieu-
"wen, dat jimme yn it keningryk fen
"di himelen nin foet sette scille.
21 "Jimme habbe heárd dat oan di
"affeárs sein is, 'Dou scilste naet deá-
"slaen: want sa hwa deáslacht scil
"strafber wæze foár it riucht.'
22 "Mar ik sizz' jimme, hwa tsjin
"syn broar sonder reden lilk wirdt, dy
"scil scildich wæze foár it geriucht;
"ind hwa tsjin syn broar seit, 'Raka,'
"dy scil scildich wæze foár di gréate

"rie', mar sa hwa seit, 'Gek,' dy scil
"strafscildich wæze ta it fjoer fen di
"geënna.

23 "Asthou den dyn gawe offerje
"scilste op it alter, ind it dy dære yn it
"sin sjit, dat dyn broar hwette tsjin dy
"het,

24 "Lit dær dyn gawe foár it alter
"stéan, ind géan hinne, liz it éarst mei
"dyn broar by, ind kom den ind offerje
"dyn gawe.

25 "Wird gau wer goed op dyn
"tsjinparty wylst hy noch mei dy op
"wei is, dat di tsjinparty dy muwlk
"naet oan di rjochter uwtlieuweret, ind
"di rjochter dy net uwtlieuweret oan
"di witjer, ind dou naet yn di finzenisse
"smiten wirdste.

26 "Siker sonk sizz' ik dy, dou
"kenste dær net uwtkomme foár dasthou
"di læste peinje betelle heste.

27 "Jimme hawwe heárd dat oan di
"âlden sein is, 'Dou scilste nin oerhoer
"dwaen.'

28 "Mar ik sizz' jimme, sa hwa ien
"frommisce oansjocht ind hjar bijéarret,
"dy het al oerhoer mei hjar yn syn herte
"plîge.

29 "As nou dyn rjochteréach dy ien
"struwkelblok is, luwk it uwt ind wye
"it fen dy; want it is dy thsjinstiger,
"dat íén fen dyn lidden forlern giet as
"dat dyn hiele lichem yn di geënna wyd
"wirdt.

30 "Eák as dyn rjochterhán' dy ien
"struwkelblok is, kap hjar oaf ind smyt
"hjar fen dy; want it thsjinnet dy
"better, dat íén fen dyn lidden forlern
"giet as dat dyn hiele lichem nei di
"geënna giet.

31 "Dær is sein, 'Sa hwa syn wiif
"forlitte wol dy jouwe hjar ien sciedbrief;'

32 "Mar ik sizz' jimme, sa hwa syn
"wiif forlit oars as om huórkery, dy
"makket dat hja oerhoer docht, ind sa
"hwa di forlittene hylkje scil dy docht
"oerhoer.

33 "Alwer habbe jimme heárd, dat
"oan di afféars sein is, 'Dou scilste di
"eed naet brekke, mar dou scilste di
"héare dyn eden hâlde;'

34 "Mar ik sizz' jimme om allehiel
"naet to swarren, noch by di himel,
"omdat it di troon fen God is;

35 "Noch by di ierde, omdat it di

"fuótscammel fen syn fuótten is; noch
"by Jeruzalem, omdat it di sted is fen
"di gréate kening.

36 "Eák by dyn holle scilsthou naet
"swarre, omdasthou nin inkel hier hwyt
"oaf swart meitse kenste:

37 "Mar lit jimme wird, ja ja, né né,
"wæze; hwat dær boppe giet is uwt
"den quéaden.

38 "Jimme hawwe héard dat er sein
"is, 'Each om éach ind tosk om tosk,'

39 "Mar ik sizz' jimme om di quéa-
"den naet tsjin to géan, mar sa hwa dy
"slacht op di rjochter tsjeek keer him
"eák di oare ta.

40 "Ind hwa mei dy rjochtje wol ind
"dyn roak nimme lit him eák it scou-
"dermantelke.

41 "Ind sa hwa dy thwinge wol íén
"mile to géan reisgje twa mei him.

42 "Jouw him hwa dy om hwette
"fréaget, ind wiis him naet oaf, hwa 't
"fen dy liene wol.

43 "Jimme hawwe heárd dat er sein
"is, 'Dou scilste dyn ewenminsce léaf-
"hawwe ind dyn fynne scilsthou haetje;'

44 "Mar ik sizz' jimme, haw jimme
"fynnen léaf; seinje hjar dy jimme for-

"flokke; doch goed oan hjar dy jimme
"haetje, ind bidt foár hjar dy jimme læst
"oandwane ind jimme forfolgje,

45 "Dat jimme soánnen wirde fen
"jimme heit yn di himelen, dy syn sinne
"opgéan lit oer goeden ind tsjoeden, ind
"reint oer rjochtfirdigen ind oenrjocht-
"firdigen.

46 "As jimme ommers léafhawwe dy
"jimme léafhabbe, hwat léan hawwe
"jimme dær fen? Dogge di tolgærders
"naet it sel'de?

47 "Ind as jimme jimme broárren
"allinne tasprekke, hwat dogge jimme
"den foár uwtmintends? Dogge eák
"di heidens naet it sel'de?

48 "Wæzz' jimme den folmekke
"lyk as jimme himelsce heit folmekke
"is."

VI.

1 "PAS op dat jimme di barmhertig-
"heid naet dwane foár it éach fen di
"minscen om fen hjar sjoen to wirden;
"oars hawwe jimme nin léan by jimme
"heit dy yn di himelen is.

2 "Asthou den jeften dochste scils-
"thou naet foár dy uwt trompetje litte

"lyk as di scynhilligen dwane yn di
"synagogen ind op di strjitten om fen
"di minscen éard to wirden. Siker sonk
"sizz' ik jimme, hja hawwe hjar léan
"wei.

3 "Mar dou asthou jeften dochste, sa
"lit dyn lofter-hân' naet wite hwat dyn
"rjochter docht,

4 "Dat dyn jefte yn it geheim
"wæze mei, ind dyn heit dy yn it
"geheim sjocht scil it dy yn it iepenbier
"forjildje.

5 "Eák as jimme bidde sa scille
"jimme naet wæze lyk as di scyn-
"hilligen; want dy bidde jerne yn di
"synagogen ind stéande op di strjitte-
"hernen, dat hja di minscen yn it éach
"falle: siker sonk sizz' ik jimme, dat
"hja hjar léan wei habbe.

6 "Mar dou asthou bidste géan yn
"dyn binnenkéamer, ind di doar efter
"dy sluwtende bidt dyn heit dy forholen
"sit, ind dyn heit, dy yn it forholen
"sjocht, scil it dy yn it iepenbier for-
"jildje.

7 "As jimme den bidde scille jimme
"naet lang op it selde omtsjouwe lyk as
"di heidenen; want dy miene, dat hja

"om di mannichte fen di wirden for-
"heárd wirde.

8 "Wird den net oan hjar allyk;
"want jimme heit yn e' himelen wyt
"hwat jimme brek hawwe eár dat
"jimme him dær om fréagje.

9 "Bidde jimme den sa, 'Uws heit,
"dy dær biste yn di himelen! Dyn
"namme wirde hillige.

10 "Dyn keningryk komme. Dyn
"sin wirde dien allyk yn di himel sa
"eák op ierde.

11 "Jouw uws hjoed uws deiliks
"bréa'.

12 "Ind forjouw uws uwze scilden
"allyk as wy forjane uwze scildners.

13 "Ind lied uws naet yn forsîkinge,
"mar forlosje uws fen di quéade. Want
"dines is it keningryk ind di kreft ind di
"hearlikheid ta yn ieuwigheid. Amen.'

14 "Want as jimme di minscen hjar
"missetten forjane sa scil eák jimme
"himelsce heit jimme forjaen.

15 "Mar as jimme di minscen hjar
"missetten naet forjane sa scil jimme
"himelsce heit jimme missetten naet
"forjaen.

16 "As jimme fæstje sjoch naet soer

"ind benepen lyk as di scynhilligen;
"want hja meitse hjar throánjes oen-
"sjoch, dat hja di minscen mei hjar
"fæstjen yn it éach falle. Siker sonk
"sizz' ik jimme, hja hawwe hjar léan
"wei.

17 "Mar dou asthou fæsteste bismar
"dyn holle mei ruwkoalje ind grobbelje
"dyn throánje,

18 "Dasthou di minscen mei dyn
"fæstgjen naet yn it éach falste, mar
"dyn heit dy yn it forholen sit, ind dyn
"heit, dy sjocht yn it forholen, scil it
"dy forjildje yn it iepenbier.

19 "Gærje jimme nin scatten op
"ierde, hwær di mot ind di roást hjar
"weislynt, ind hwær thsjeawen ynbrekke
"ind stelle;

20 "Mar gærje jimme scatten yn di
"himel, dær hjar nin mot, nin roást
"weislynt, ind dær nin thsjeawen yn-
"brekke ind stelle.

21 "Want hwær dyn scat is dær scil
"eák dyn hert wæze.

22 "Di kærse fen it lichem is it
"éach; as nou dyn éach kléar is scil
"dyn hiele lichem forljocht wæze;

23 "Mar as dyn éach naet doach

"scil dyn hiele lichem thsjuster wæze.
"As den it liucht, dat yn dy scynt,
"thsjusternisse is, hwat ien thsjuster-
"nisse mat dat net wæze!

24 "Nimmen ken twa héaren thsjinje
"oaf hi scil di iene haetje ind di oare
"ljéafhawwe; oaf hi scil di iene oan-
"hingje ind di oare leech lizze. Jimme
"kenne God naet thsjinje ind di jild-
"dîwel.

25 "Dærom bikroadje jimme naet oer
"jimme libben, hwat jimme ite ind hwat
"jimme drinke scille; eák naet oer
"jimme lichem, hwær jimme mei klaeid
"wirde scille. Is it libben naet mear
"as di spîze ind it lichem as di kléan?

26 "Sjoch nei di fuwgels fen di
"himel, ho hja naet sjidje, naet méane,
"naet by íén ride yn di scuórre, yette
"jimme himelsce heit fuórret hjar; ind
"géan jimme hjar naet fier to boppe?

27 "Hwa uwt jimme ken mei soárgjen
"íén jelne oan syn lingte laskje?

28 "Ind hwat bikroadje jimme jimme
"oer di kléan? Let op di leeljes fen it
"fjild, ho dat hja waexe; hja aerbeidje
"naet ind hja spinne naet;

29 "ind ik sizz' jimme, dat eák

"Salomo yn al syn héarlikheit sa net
"oanklâid wier lyk as íén fen dizze.
30 "As nou God it gærs fen it fjild,
"dat hjoed stiet ind moarn yn di uwn
"wyd wirdt, sa klâit, scil hy it jimme
"net folle méar dwaen, jimme lytstrouw-
"jende?
31 "Wæs dærom naet yn noed
"sizzende, Hwat scille wy ite? Oaf
"hwat scille wy drinke? Oaf hwær
"scille wy uws fen klâye?
32 "Want om al soks siikje di
"heidens: ind jimme himelsce heit wyt
"ommers, dat jimme al dy dingen brek
"hawwe.
33 "Dærom siikje earst di rjocht-
"firdigheid ind it keningryk fen him,
"ind all dizze dingen scille jimme dær
"op ta jown wirde.
34 "Bikroadje jimme den naet oer di
"dei fen moarn; want di dei fen moarn
"scil foár syn eigen kediisje. Eltse dei
"het noach oan syn eigen quéa'."

VII.

1 "OARDIELJE naet dat jimme
"naet oardield wirde:

2 "Want mei it oardiel, dær jimme
"mei oardielje, scille jimme wer oardield
"wirde, ind mei desel'de mjitte, dær
"jimme mei uwtmjitte, scil jimme wer
"tametten wirde.

3 "Hwat dochs sjochsthou di
"splinter, dy yn it éach fen dyn broar
"sit, ind merksthou di balke naet yn
"dyn eigen?

4 "Oaf ho kensthou oan dyn broar
"sizze, 'Lit my di splinter uwt dyn
"éach helje,' ind hen, dær is ien balke
"yn dyn eigen?

5 "Dou scynhillige, luwk earst di
"balke uwt dyn eigen éach, ind sjæn
"den hosthou di splinter uwt it éach
"fen dyn broar helje scilste.

6 "Jouw jimme it hillige naet oan
"di honnen; smyt eák jimme pearels
"naet foár di bargen, dat hja dy soms
"naet mei hjar poten fortraepje ind hjar
"omkeerjende jimme forscuórre.

7 "Bidt ind jimme scil jown wirde;
"siikje ind jimme scille fine; buwtsje
"oan ind jimme scil iependien wirde.

8 "Elts ommers hwa bidt kriget;
"hwa sîket dy fynt, ind him, dy oan-
"buwtset, scil iependien wirde.

9 "Oaf hwat man is onder jimme, as
"syn soan him fréagge om ien bréa',
"dy him ien stien jaen scoe'?
10 "Oaf as hy him fréagge om ien
"fisk, dy him ien slange jaen scoe?
11 "As jimme den, dy éarnich binne,
"jimme bern wite goede gawen to jaen,
"ho folle to méar scil jimme heit, dy 't
"yn di himelen is, goede gawen jaen,
"dy dær him om bidde?
12 "Alles nou hwat jimme wolle, dat
"di minscen jimme dwane, doch jimme
"hjar eák sa; want dat is di wet ind
"di profeten.
13 "Géan yn throch di inge poárte;
"want rom is di poárte ind breed is di
"wei, dy nei it fordeárren âgiet, ind
"ien bulte binne dær dy hjar ynslane.
14 "Mar ing is di poárte ind smel is
"di wei, dy âgiet nei it libben, ind dy
"hjar fine binne lyts yn tal.
15 "Hoedje jimme fen di falsce
"profeten, dy jimme yn scjippefluezen
"oankomme, mar ynwindich binne it
"gripende wolwen.
16 "Oan hjar fruchten scille jimme
"hjar kenne. Ploaket men fen thoárnen
"eák druwen, oaf fîgen fen stikels?

17 "Allyk jouwt eltse goede béam
"goede fruchten ind ien ondoagensce
"béam draecht ondoagensce fruchten.
18 "Ien goede béam ken nin ondoa-
"gensce fruchten jaen; ien ondoagensce
"béam eák nin goede fruchten jaen.
19 "Eltse béam dy nín goede frucht
"makket wirdt roid ind yn it fjoer
"wyd.
20 "Sa scille jimme hjar den uwt
"hjar fruchten ondersciede.
21 "Naet ien jegelik dy tsjin my seit,
"héare, héare, scil yngéan yn it kening-
"ryk fen di himelen, mar dy it hjitten
"docht fen myn heit, dy 't yn di himelen
"is.
22 "Ien bulte scille op dy dei tsjin
"my sizze, 'Héare, héare, hawwe wy
"naet yn jins namme léard, ind yn jins
"namme di dîwels jagge, ind yn jins
"namme nin bulte kreften uwtset?'
23 "Mar den scil ik it hjar foár di
"holle sizze, 'Ik haw jimme néa naet
"kend. Scéar jimme fen my, dy it
"onrjocht dogge.'
24 "Elts non dy dizze myn wirden
"heárt ind dær nei docht, dy scil ik
"forlykje by ien foársichtich man, dy

"syn huws op ien stjinrotse bouwd
het,
25 "Ind dær is ien stjalpige rein
"delflapt, ind di wetterfloeden binne
"komd, ind di winen hawwe wâid ind
"binne tsjin dat huws oanslein, ind it
"is naet ynfallen; want it wier op ien
"stjinrotse bouwd.
26 "Ind elts, dy dizze mine wirden
"heárt ind hjar net docht, dy scil by
"ien onwiis man forlike wirde, dy syn
"huws op it sân bouwd het;
27 "ind di stjelprein is delflapt, ind
"di wettergéaten binne komd, ind di
"winen habbe wâid ind binne dær tsjin
"oanslein, ind it is delfallen, ind syn
"fal wier gréat."
28 It barde nou as Jesus dizze wirden
uwt hie' dat di scaren forheerd stienen
fen syn leare:
29 Want hy léarde hjar as ien dy
folmacht hie' ind naet as di scruftge-
learden.

VIII.

1 DO hy nou di héage therp âkomd
wier binne him hiele keppels folge.

2 Ind hen, ien melaetsce kaem ind foel foár him op di groun sizzende, "Héare, as jy wolle kenne jy my rei-"nigje."

3 Ind Jesus di hân uwtstekkende hat him oanrekke sizzende, "Ik wol it; "wird reinige." Ind yn ien omsjæn wier hy fen syn melaetskheid reinige.

4 Do sei Jesus tsjin him, "Sjoch ta, "dasthou it tsjin nimmen seiste; mar "géan hinne, lit dy sjæn oan di prêster "ind offerje di jefte, dy Moses dær ta "set het, hjar ta ien getugenisse."

5 As nou Jesus to Capernaum yn di sted gien wier kaem dær ien haedman oer hounderd ta him him soebaddende

6 Ind sizzende, "Héare, myn feint "leit thuws oan ien biroarte ind lyt "swiere pinen."

7 Jesus sei tsjin him, "Ik scil komme "ind him genæze."

8 Ind di haedman oer hounderd him anderjende sei, "Héare, ik bin naet "wirdich, dat jy onder myn thek "ynkére; mar bifel it allinne mei ien "wird, ind myn feint scil genæzen "wæze.

9 "Want ik eák, dy stéan onder

"bifel, haw krychsfeinten onder myselfs,
"ind tsjin dizze sizz' ik, 'Géan!' ind
"hy giet; ind tsjin di oare 'Kom!' ind
"hy komt; ind tsjin myn huwsfeint,
"'Doch dat!' ind hy docht it."

10 Jesus dit heárende séach freámd op ind sei' tsjin di lju', dy by him wierne, "Siker sonk sizz' ik jimme; yn "Israël selme haw ik by nimmen sa'n "fæst geleatwe foun.

11 "Mar dit sizz' ik jimme, dat er "ien bulte fen it éasten ind it westen "komme scille, ind scille mei Abraham "ind Isaäc ind Jacob oanbankje yn it "keningryk fen di himelen,

12 "Wylst di soánnen fen it kening-"ryk dær uwtsmiten wirde yn ien "pikthsjuster gat; dær scil gescriem "wæze ind toskgeknarsk."

13 Do sei Jesus oan di haedman oer hounderd, "Géan mar hinne, ind dy "sciede nei dasthou léauwd heste." Ind yn dat eigenste éagenblik wier di feint genæzen.

14 Jesus dærnei yn it huws fen Petrus kommende séach syn scoánmoar op bæd sitten oan di thsjinst;

15 Hy nou rekke hjar oan di hân',

ind di thsjinst hie' hjar forlitten; ind hja stie' op ind bithsjinne him.

16 Do it nou al let op di juwn wirden wier brochten hja ien bulte, dy fen di quéade riden waerden, ta him, ind hy wydde er di gaesten uwt mei it wird, ind alle sîken ind suchtigen genæsde hy;

17 Dat sa neikomme scoe' hwat spritsen wier fen Jesajas di profeet sizzende, "Hy het uws quolmen op him "nomd ind uws sjeaktmen dreyn."

18 Jesus do gréate héapen minscen om him hinne sjænde joech læst om nei di oare wâl to stjoeren.

19 Dær nou kaem ien siker scruftgeléarde by him, dy sei', "Master, ik "scil jou folgje hwær dat jy eák hinne "géane."

20 Mar Jesus sei' him, "Di foxen "hawwe holen, ind di fuwgels fen di "himel hawwe næsten, mar di soan fen "di minsce het naet dær hy syn holle "op delflye ken."

21 Ind ien oar uwt syn léarlingen sei tsjin him, "Héare, stéan my ta dat ik "éarst hinne géan ind myn heit op-"draech."

22 Mar Jesus sei tsjin him, "Folgje "my ind lit di déaden hjar déaden op-"drage."

23 Do hy dærmei yn it scip stapt wier binne syn léarlingen him folge,

24 Ind hen, dær kaem ien bjustere balstjurrigheid yn di séa sa dat di wéagen it fartuech biditsen, mar hy slepte.

25 Ind syn léarlingen nei him ta géande makken him wekker sizzende, "Heare, biwarje uws! Wy forgéane."

26 Ind hy sei tsjin hjar, "Hwærom "éanget it jimme, lyts-trouwjende?" Do stie' hy oerein, bikibbe di winen ind di séa, ind it waerd blakstil.

27 Di minscen nou wierne bisâuwe sizzende, "Hwat foár ien man is hy, "dat eák di winen ind di séa nei him "harkje!"

28 Do hy nou oan di oare wâl uwtstapt wier yn it lân' fen di Gadarenen metten him twa, dy fen di quéade riden waerden, opkommende uwt di græwen, dy grousomme grimmich wierne sa dat nimmen lâns dy wei hjar foárbygéan doárste.

29 Ind hen, hja guwlden sizzende,

"Jesus, soane Goads, hwat hesthou mei
"uws to parten? Bisthou hjir komd
"om uws to pinigjen foár di tiid?"

30 Ind yn di fjirte fen hjar wier ien keppel fen ien bulte bargen oan 't weidjen;

31 Di dîwels nou béanen him sizzende, "Asthou uws uwtdrjouwste stjoer uws "den yn di keppel mei bargen."

32 Hwær hy op sei, "Reisgje den "mar!" Ind hja uwtgéande forfoeren yn di keppel mei bargen, ind hen, di hiele keppel bargen fléach mei koegelsféart fen di steilte âf yn séa ind hja stoaren yn di wéagen.

33 Do flechtten di bargeweiders, ind yn di sted kommende habbe hja alles oerbrocht, binamme dat fen di bidîwelde bargen.

34 Ind hen, di hiele sted kaem buwten Jesus to mjitte, ind him sjænde béanen hja him, dat hy uwt hjar kriten weigéan scoe'.

IX.

1 DÆROP yn it scip stappende fóer hy nei di oare wâl ind kaem yn syn

wensted. Ind hen, hja brochten ta him ien man, dy mei lammens slein wier ind op ien spriede lâi.

2 Ind Jesus hjar geleauwe sjænde sei tsjin di lamme, "Hâld moed, myn soan! "Dyn suwnen binne dy forjown."

3 Ind hen, jinnige fen di scruftgeléarden seinen yn hjar selfs, "Hy "tritrottet God!"

4 Ind Jesus sjænde hjar ynnige thinzen sei', "Hwærom thinke jimme "quéa' yn jimme herten?

5 "Want hwat is maklikker to sizzen, "'Di suwnen binne dy forjown,' oaf to "sizzen, 'Stéan op ind géan op dyn "eigen sconken?'

6 "Mar opdat jimme wite scille dat "di soan fen di minsce macht het om "di suwnen to forjaen, (ind mei íén sei' hy tsjin di lamme,) sa riis oerein, nim "dyn spriede op ind géan nei dyn "huws!"

7 Ind opstéande gong hy nei syn huws.

8 Mar di scaren soks sjænde wierne uwt it fjild slein, ind éarden God héagelik, dat hy sokken macht oan di minscen joech.

9 Jesus dær fen dinne fjirder géande séach ien man yn it tolhuws sitten Matthéwes néamd, ind sei tsjin him, "Folgje my!" ind hy opstéande folgge him.

10 It barde nou as Jesus yn it huws fen Matthéwes oan di mjiltiid siet, dat, hen, ien bulte tolgærjers ind min folk dær kamen ind næst Jesus ind sine léarlingen mei oanfoelen.

11 Ind di Farisieuwen dat sjænde seinen tsjin sine léarlingen, "Hwærom "yt jimme master mei tolgærjers ind "sok min folk?"

12 Mar hy dat heárende sei', "Dy "soun binne hawwe di heelmaster naet "brek, mar dy sjéak binne.

13 "Doch géan jimme hinne ind "léar hwat it bithsjut, 'Ik wol barm-"hertigheit ind nin offer.' Want ik bin "naet komd om rjochtfirdigen, mar "suwners to noadjen ta bikeringe."

14 Do kamen di léarlingen fen Joannes by him sizzende, "Hwærom "fæstje wy ind di Farisieuwen sa folle, "ind jins léarlingen hwærom fæstje dy "net?"

15 Hwærop Jesus tsjin hjar sei,

"Kenne di brægemans-broárren eák
"trure sa lang as di brægeman by hjar
"is? Mar di dagen scille komme, dat
"di brægeman hjar ontnomd wirdt, ind
"den scille hja trure.

16 "Eák set nimmen ien lape fen
"gloed-ny lekken op ien âlde roak;
"want sa'n lape dær oanset scuórt fen
"di roak oaf, ind dær komt ien slimmer
"scuór.

17 "Sa jitte men eák nin nye wyn yn
"âlde leren sekken; oars boárste di
"sekken ind di wyn rint foárt, ind di
"sekken binne wei; mar men jitte nye
"wyn yn nye sekken, ind beide binne
"hja bihâlden."

18 Wylst hy dit tsjin hjar sei, hen, ien oerste kaem yn ind foel foár him mei it eánsicht op 'e flier sizzende, "Myn dochter het it sa effen âlein, mar
"kom jy, lizz' jins hân op hjar, ind hja
"scil libje."

19 Ind Jesus opstéande folgge him mei syn léarlingen.

20 Ind hen, ien wiif, dat tolef jier floid hie', him fen efteren opkommende rekke oan di stems fen syn tabbert;

21 Want hja sei yn hjar selfs, "As ik

"syn tabbert mar oanreitse den scil ik
"holpen wirde."

22 Mar Jesus him omkeerjende ind hjar sjænde sei, "Hâld moed, myn
"dochter! Dyn geléauwe het dy bi-
"hâlden." Ind it frommisce wier kléar fen dy uwre oaf oan.

23 Do nou Jesus yn it huws fen di oerste kaem ind séach di roupîpers ind al dat folk mei hjar oenbîdich tjirjen,

24 Sei hy, "Géan jimme hjir wei;
"want it famke is naet déad, mar hja
"sliept;" ind hja laekken him uwt.

25 As nou al dat folk' weistjoerd wier, hy yngéande griip hjar by di hân', ind it famke stie' op.

26 Ind dizze mare gong huwsriem throch di hiele krite.

27 Do Jesus dær fen dinne fjirder gong folggen him twa blinen roppende ind sizzende, "Soane Davids! Erbarmje
"jou oer uws."

28 Ind as hy yn it huws gien wier kamen di blinen op him ta, ind Jesus sei tsjin hjar, "Léauwe jimme dat ik dat
"dwaen ken?" "Ja, héare," seinen hja tsjin him.

29 Do rekke hy hjar oan di éagen sizzende, "Jimme sciede nei jimme "geleauwe;" ind hjar éagen gongen iepen.

30 Ind Jesus het it hjar hird oplein sizzende, "Sjæn ta dat it nimmen to "witen komt."

31 Mar hja wierne di doar naet uwt as hja habbe him throch dy hiele krite binéamd makke.

32 Do dizze weigien wierne, hen, brochten hja ien stom man by him, dy fen ien dîwel riden waerd,

33 Ind do dy dîwel uwt him jagge wier spriik di stomme, hwær di scaren forsteld fen stienen sizzende, "Sa'n ding "is er néa yn Israël bilibbe;"

34 Mar di Farisieuwen seinen, "Hy "jagget di dîwels uwt throch di oerste "fen di dîwels."

35 Jesus nou reisgge al di stedden ind buórren yn it roun' léarende yn hjar synagogen ind kundigjende di blîde tynge fen it keningryk ind genæzende eltse sjéaktme ind eltse quininge.

36 Mar hy di scaren sjænde krigge ynnich meilyen mei hjar, omdat hja pléage waerden ind forscowelingen

wierne lyk as éarme scjippen dy nin harder hienen.

37 Do sei hy tsjin syn léarlingen, "Di rispinge is gréat, mar lyts yn tal "binne di ârbeiders.

38 "Smeek den di héar fen di ris- "pinge, dat hy ârbeiders yn syn rispinge "stjoert."

X.

1 DÆROP syn tolef gesanten by him roppende het hy hjar macht jown oer di onsuwere gaesten om dy uwt to réagjen, ind om eltse sjéaktme ind eltse quininge to genæzen.

2 Di nammen nou fen di tolef gesanten binne dizze; di éarste, Simon, dy Petrus (stjinrotse) néamd wirdt; den Andreas, syn broar; Jacobus, di soan fen Zebedeus, ind Joannes, syn broar;

3 Filippus ind Bartholomeus; Thomas ind Mathéwes, di tolgærjer; Jacobus, di soan fen Alfeus, ind Lebbeus;

4 Simon, di Cananëer, ind Judas Iscariot, di sel'de dy him forret het.

5 Dizze tolef het Jesus uwtstjoerd ind hjar oplein sizzende, "Jimme matte

"op jimme wei naet âslaen nei di hei-
"denen ta, eák yn di sted fen di Samari-
"tanen net géan,

6 "Mar reisgje ljewwer nei di forlerne
"sciep fen it huws Israël.

7 "Ind ta hjar géande kundigje den
"sizzende, 'It keningryk fen di himelen
"is yn oantochte.'

8 "Genæs di sîken; reinigje di
"melaetscen; wek di déaden; réachje
"di dîwels uwt. Jimme hawwe it foár
"néat krige, jouw it foár néat.

9 "Siikje om nin goud, nin sulwer,
"nin koper yn jimme gullen;

10 "Eák om nin reissek, nin twa
"baittsjes, nin scuón, nin gongelstokken.
"Want ien ârbeidjer is syn kost wir-
"dich.

11 "Ind yn hokker sted oaf buórren
"jimme komme tantje hwa dær yn
"wirdich is, ind bljouw by him ta't
"jimme dy pléats wer uwtgéane.

12 "Ind as jimme yn dat huws
"komme sa winskje it di seine.

13 "As dat nou ien wirdich huws is
"sa komme jimme frede dær oer; mar
"as it onwirdich is sa kere jimme rede
"nei jimme to bek.

14 "Ind sa hwa jimme naet opnimt
"ind eák net harket nei jimme wirden,
"sa scille jimme dat huws oaf dy sted
"uwtgéande it stoaf fen jimme fuótten
"scodje.

15 "Siker sonk sizz' ik jimme, it scil
"di kriten fen Sodom ind Gomorra yn
"di dei fen it oardiel makkeliker âgéan
"as dy sted.

16 "Hen, ik stjoer jimme as scjippen
"midz yn di wolwen; wæs den hoedend
"as di slangen ind gol as di douwen.

17 "Mar wachtje jimme foár di
"minscen; want hja scille jimme op-
"bringe by di warstallen ind jimme
"giselje yn hjar synagogen.

18 "Ind jimme scille om my foár di
"stedhâlders ind di keningen fierd wirde
"hjar ind di naesjes onder hjar ta ien
"getugenisse.

19 "Mar as hja jimme opbringe den
"matte jimme jimme naet bikroadje, ho
"ind hwat jimme sprekke scille; want
"it scil jimme yn dy selfde oere ynjown
"wirde.

20 "Want jimme binne it naet dy
"sprekke, mar di gaest fen jimme heit
"yn jimme sprekt.

21 "Ind di broar scil di broar oer-
"lieuwerje ter dea', ind di heit syn
"bern; ind di bern scille opstéan tsjin
"di âlders ind scille hjar di dea' oan-
"dwaen.

22 "Ind jimme scille fen alleman
"hate wirde om myn namme, mar dy
"folhâldt oan it ein ta dy scil bihâlden
"bljouwe.

23 "Mar as hja jimme neisitte yn
"dizze sted flechtje den yn di oare.
"Want siker sonk sizz' ik jimme, jimme
"hawwe mei di stedden fen Israël naet
"âdien as di soane fen di minsce is
"komd.

24 "Di léarling is naet boppe di
"master ind di feint eák naet boppe
"syn héar.

25 "It mat di léarling genoach wæze,
"dat hy wirdt as syn master, ind di
"feint as syn héar. As hja di man fen
"it huwsgesin Beëlzebul hjitte ho folle
"méar den noch syn huwsgesin selfs.

26 "Wæs dærom naet éang foár
"hjar. Want er is néat weistoppe hwat
"naet bléat lein wirdt, ind neat forholen
"hwat naet witen wirde scil.

27 "Hwat ik jimme sizz' yn it

"thsjuster kundigje dat yn it ljocht,
"ind hwat jimme mei it éar heárre rop
"dat uwt op di thekken fen di huzen.

28 "Wæs naet éang foár hjar, dy it
"lichem deye ind di siele naet deye
"kenne; mar wæs ljewwer éang foár
"him, dy siele ind lichem beide forniele
"ken yn di hol.

29 "Wirde twa mosken naet forkoft
"om íén peinje? Ind net íén fen hjar
"scil op e' ierde falle buwten jimme heit.

30 "Ja, alle di hjirren fen jimme
"hollen binne teld.

31 "Dærom wæs naet bang; jimme
"binne wirdiger as ien hiele keppel
"mosken.

32 "Elts nou dy foár my uwtkomme
"scil by di minscen, foár him scil ik
"eák uwtkomme by myn heit dy yn di
"himelen is.

33 "Mar hwa my forsaekje scil foár
"di minscen, him scil ik eák forsaekje
"foár myn heit dy yn di himelen is.

34 "Think naet dat ik komd bin om
"frede op ierde to bringen: ik bin naet
"komd om frede to bringen mar it
"swird.

35 "Want ik bin komd om di minsce

"op to setten tsjin syn heit, ind di
"dochter tsjin hjar mem, ind di snoar
"tsjin hjar scoánmoar.

36 "Ind di huwsneaten wirde di
"minsce syn fynnen.

37 "Dy heit oaf mem ljéaf het boppe
"my is my naet wirdich, ind dy scan
"oaf dochter léaf het boppe my, is my
"naet wirdich.

38 "Ind hwa syn kruws naet opnimt
"ind efter my oangiet, is my naet
"wirdich.

39 "Hwa syn siele fynt scil hjar
"forlieze, ind hwa syn siele forliest om
"my scil hjar fine.

40 "Hwa jimme oannimt nimt my
"oan, ind hwa my oannimt nimt him
"oan, dy my stjoerd het.

41 "Hwa ien profeet opnimt yn di
"namme fen ien profeet scil it léan fen
"ien profeet krye; hwa ien rjochtfirdige
"opnimt yn di namme fen ien rjocht-
"firdige, scil it léan fen ien rjochtfirdige
"krye.

42 "Ind sa hwa fén fen dizze lytsen
"mar ien glæs wetter to drinken jown
"het, siker sonk sizz' ik jimme, syn
"léan scil him naet ontgéan."

XI.

1 DÆRNEI do Jesus dien hie' mei syn tolef léarlingen hjar wirk op to lizzen, barde it, dat hy fjirder gong om yn hjar stedden to onderwîzen ind to kundigjen.

2 Joannes nou yn di finsenisse heárende di wirken fen Jesus stjoerde twa fen syn léarlingen nei him ta om him to sizzen,

3 "Binne jy, dy komme scoe', oaf "matte wy yette ien oaren forwachtje?"

4 Hwær Jesus op anderde ind tsjin hjar sei', "Géan hinne ind boádscipje "Joannes, hwat jimme heáre ind sjæne.

5 "Di blinen krye it sjoene wer ind "di biheinden géane, di melaetscen "wirde reinige, ind di doawen heáre, "ind di déaden wirde wekt, ind di "éarmen wirdt di blîde tynge kundige.

6 "Ind loksillich is hy dy oer my "naet stroffelt."

7 Do dizze weigongen bigoan Jesus di scaren oer Joannes to sizzen, "Om "hwat to sjæn binne jimme nei di "woastine uwtgien? Ien reid dat fen "di wyn hin ind wer wiggelt?

8 "Mar hwat binne jimme den uwt-
"komd to sjæn? Ien man yn séafte
"side klâid? Hen, dy séafte side
"drage binne yn e' slotten fen di ke-
"ningen.

9 "Mar hwærom binne jimme den
"uwtkomd? Om ien profeet to sjæn?
"Ja, sizz' ik jimme, ind eák ien dy
"héager stiet as ien profeet.

10 "Want hy is it fen hwa screaun
"stiet, 'Hen, ik stjoer myn boádscip-
"rinner foár dyn eánsicht uwt, ind
"hy scil dyn wei foár dy uwt kléar
"meitse.'

11 "Siker sonk sizz' ik jimme; dy
"uwt ien frommisce berne waerden dær
"is nin greater onder opstien as Joan-
"nes; dochs is di lytste yn it keningryk
"fen di himelen gréater as hy.

12 "Mar fen di dagen fen Joannes di
"doaper oaf oan nou ta wirde dær ramen
"fen geweld dien op it keningryk fen di
"himelen, ind di gysten fjirkers gripe it
"mei éarnskloeren wei.

13 "Want al di profeten ind di wet
"hawwe profeteárre oan Joannes ta;

14 "Ind as jimme it oannimme wolle
"hy is di Elijas dy komme scoe'.

15 "Hwa éaren het dy heárre. Mar
"by hwa scil ik dit scâi lykje?
16 "It is lyk oan di lytse bern, dy
"op di pleinen sitte ind hjar boártfeinten
"taroppe, ind sizze,
17 "'Wy habbe op di fluit spile, ind
"jimme habbe naet dounse. Wy habbe
"kleilieden songen, ind jimme hawwe
"naet scriemd.'
18 "Want Joannes is komd naet
"itende ind naet drinkende, ind hja
"seinen, 'Hy het ien dîwel yn!'
19 "Di soan fen di minsce kaem al
"itende ind drinkende, ind hja sizze,
"'Sjoch, ien fretter ind ien wynsuwper,
"ien stalke fen tolgærjers ind scodden!'
"Mar di wysheid wirdt rjochtfirdige
"throch hjar bern."
20 Do begoan hy di stedden, dær syn
méaste woenderkreften yn dien waerden,
forwitingen to dwaen, omdat hja hjar
naet bikeerd hiene.
21 "Wé dy Chorazin! wé dy Beth-
"saida! As yn Tyrus ind Sidon di
"woenderkreften dien wierne, dy by
"jimme scaed binne, hja scoenen hjar
"eren yn sek ind yeske bikeerd hawwe.
22 "Mar dit sizz' ik jimme, it scil

"Tyrus ind Sidon yn di oardielsdei
"maklikker âgéan as jimme.
23 "Ind dou, Kapernaum, himelhéach
"biste opthild, oan di hol ta scilste
"delstaet wirde. As yn Sodom di
"woenderkræften dien wierne dy yn dy
"dien binne, op dizze dei noch scoe' it
"yn wæzen bleaun hawwe.
24 "Mar dit sizz' ik, dat it di kriten
"fen Sodom yn di oardielsdei makke-
"likker âgean scil as dy."
25 Op dy selfde tiid uterre Jesus him
ind sei, "Ik thankje dy, heit! héar fen
"di himil ind di ierde! dasthou dizze
"dingen foár di wîzen ind di biwiten-
"scipten forholen heste, ind hest' hjar
"foár di bernkes bléat lein.
26 "Ja, heit; want sa wier it wolbi-
"héagen by dy.
27 "Alle dingen binne my oerjown
"fen myn heit, ind nimmen kent di soan
"as di heit, ind nimmen kent di heit as
"di soan, ind hwa it di soan ontdekke
"wol.
28 "Kom allegeárre ta my, dy wirch
"ind biswierd binne, ind ik scil jimme
"ræst jaen.
29 "Nim myn jok op jimme, ind léar

"fen my, dat ik sæftsinnich ind dimmen
"fen herte bin.
30 "Want myn jok is sæft ind myn
"pak is licht."

XII.

1 OM dy tiid gong Jesus op ien Sabbathdei throch ien stik noat; nou hienen syn learlingen hoenger ind bigoanen ieren to ploaitsen ind to iten.
2 Di Farisieuwen dit sjænde seinen tsjin him, "Sjoch, jins discipels dogge
"hwat hja op ien sabbath naet dwaen
"meye."
3 Mar hy sei tsjin hjar, "Habbe
"jimme naet læzen, hwat David die',
"do hy ind dy mei him wierne hoenger
"krigen?
4 "Ho hy yn it huws Goads gien is
"ind di tambankbréaen opiten het, dy hy
"sa min as dy mei him wierne ite
"mochten, mar di prêsters allinne wol.
5 "Oaf habbe jimme naet yn di wet
"læzen, dat di prêsters di sabbath yn
"di timpel sceine ind lykwol onscildich
"binne?
6 "Mar ik sizz' jimme, dat hjir

"hwette gréaters as di timpel foár jimme
"stiet.

7 "Mar as jimme witen hiene hwat it
"is, 'Ik wol barmhertigheid ind nin
"offerhande;' jimme scoene di onscildige
"naet oerdield hawwe.

8 "Want di soan fen di minsce is
"héar fen di sabbath.'"

9 Jesus nou dærwei ind fjirder géande
kaem yn hjar synagoge;

10 Ind hen, dær wier ien man, dy ien
forthoárre hân' hie', ind hja fréaggen
him ind seinen, "Stiet it fry om op
"sabbathdagen to genæzen?" om ien
biscildiging tsjin him to finen.

11 Hy nou sei tsjin hjar, "Hwat man
"is dær onder jimme, dy ien inkel sciep
"het, ind as dat op ien sabbathdei yn
"ien féart falt, naet tataeste ind it dær
"uwtthille scil?

12 "Ind ho héach stiet ien minsce
"naet boppe it sciep? Sa meye men
"op sabbathdagen eák goeddwaen."

13 Do sei hy tsjin di man, "Stek dyn
"hân' uwt;" ind hy stiik hjar uwt, ind
hja waerd krekt sa geef as di oare.

14 Di Farisieuwen dær op ta it huws
uwtgéande bileinen rie' tsjin him, ho
hja him deye scoenen.

15 Do Jesus dat fornaem is hy dær weitein, ind hiele scaren folggen him, ind hi genæsde hjar allegeárre,

16 Mar hy lei hjar mei hirde wirden op, dat hja him naet ruchtber meitse scoenen;

17 Dat neikomme scoe', hwat spritsen is throch Jesajas, di profeet, sizzende,

18 "Sjoch, myn feint, dy ik ta my "naem, myn léafling, dær myn siele "hjar lust oan het: ik scil myn gaest "op him sette, ind hy scil myn léar di "heidenen forkundigje.

19 "Hy scil naet iggewjerje ind naet "geye; nimmen scil syn stimme eák op "di strjitte heárre.

20 "Hy scil it kniesde reid naet "brekke; it rikjende pichke naet uwt-"dompe, ta hy di léare wech-inde-weêr "mei seinepreal uwtspraet het.

21 "Ind sa scille di heidnen yn syn "namme hoapje."

22 Do waerd dær ien by him brocht, dy fen ien quéade gaest riden beide blyn' ind doaf wier, ind hy holp him, sa dat di stomme wer spriik ind séach.

23 Ind al di scaren stienen forsteld ind seinen, "Is dit Davids soane naet?"

24 Mar di Farisieuwen dit heárende seinen, "Hy jagget di dîwels naet uwt "as throch Beëlzebul, it haed fen di "dîwels."

25 Mar hy hjar uwtfynsels kennende sei tsjin hjar, "Elts keningryk, dat tsjin "himsel's fordield is, fornielt him sel's, "ind eltse sted oaf huws, dat tsjin him "sel's fordield is, scil him naet stéande "hâlde.

26 "As den di satan di satan bant "den stiet hy tsjin him sel's. Ho scil "syn ryk him den stéande hâlde?

27 "Ind as ik throch Beëlzebul di "dîwels ban, throch hwa banne jimme "soánnen hjar den? Dy scille dærom "jimme rjochters wæze.

28 "Mar as ik throch Goads gaest di "dîwels ban den is it keningryk Goads "ta jimme komd.

29 "Oaf ho ken immen yn it huws "fen ien wriggert komme ind syn huws-"rie' stelle, as hy di wriggert foároaf "naet boun het? Want den ken hy "syn huws bistelle.

30 "Hwa naet mei my is is tsjin my, "ind hwa naet mei my gæret dy forquis-"tet.

31 "Dærom sizz' ik jimme, eltse
"suwne ind laster scil di minscen for-
"jown wirde, mar di laster tsjin di gaest
"scil di minscen naet forjown wirde.

32 "Ind as immen ien wird sprekt
"tsjin di soan fen di minsce, dat scil
"him forjown wirde, mar sa hwa sprekt
"tsjin di hillige gaest, dat scil him like
"myn yn dizze as yn di tákommenne
"ieu forjown wirde.

33 "Jimme matte, oaf oannimme dat
"di béam goed ind di frucht goed is, oaf
"oannimme dat di béam ondoagensk ind
"di frucht ondoagensk is: want uwt di
"frucht wirdt di béam kend.

34 "Slangenbrod! ho kenne jimme
"goede dingen sprekke, dær jimme selme
"ondoagensk binne? Want hwær it hert
"fen oerrint dær sprekt di muwle fen.

35 "Di goede minsce hellet uwt di
"goede scat fen it hert goede dingen
"foár di thried, ind di forkeerde minsce
"hellet uwt di forkeerde scat forkeerde
"dingen foár di thried.

36 "Mar ik sizz' jimme, dat di minsce
"fen elts oenfoech wird, dat hy spritsen
"het, yn di dei fen it oárdiel rekkenscip
"dwaen scil.

37 "Want uwt dyn wirden scilste
"rjochtfirdige ind uwt dyn wirden
"scilsthou eák oerdield wirde."
38 Do bigoanen jinnige fen di scruft-
geléarden ind di Farisieuwen mei him
to praten sizzende, "Master, wy woenen
"wol ien woenderteiken fen jou sjæn."
39 Mar hy anderde ind sei tsjin hjar,
"It ondoagensce ind oerhuórrige scâi
"fréaget om ien woenderteiken, ind hjar
"scil nin oar teiken jown wirde as it
"teiken fen Jonas di profeet.
40 "Want lyk as Jonas thrye dagen
"ind thrye nachten yn di béalch fen di
"walfisk wier, sa scil di soan fen di
"minsce thrye dagen ind thrye nachten
"yn it hert fen di ierde wæze.
41 "Di mannen fen Ninive scille yn
"it oardiel opstéan mei dit scâi ind hja
"scille it oerdielje: hja ommers hawwe
"hjar bikeerd op it preekjen fen Jonas,
"ind, hen, mear as Jonas is hjir.
42 "Di keninginne fen it suwden scil
"yn it oardiel mei dit geslacht opstéan
"ind it oerdielje, want hja is fen di
"uwteinen fen di ierde komd om di
"wysheid fen Salomon to heárren, ind
"hen, méar as Salomon is hjir.

43 "As di onsuwere gaest uwt di
"minsce gien is dormt hy om yn thoárre
"fjilden siikjende ræst, ind hy fynt hjar
"net.

44 "Den seit hy, 'Ik scil weromgéan
"yn myn huws dær ik uwtgien bin;'
"ind kommende fynt hy it leech, scjin-
"makke ind oppronke.

45 "Den giet hy wei ind bringt sawn
"oare gaesten mei noch ondoagenscer as
"hy sel's, ind yngéande weinje hja
"dære; ind it læste fen dy man is
"minder as it éarste. Sa scil it eák
"mei dit ondoagensce scâi géan."

46 Do er noch spriik mei di scaren,
hen, syn mem ind broárren stienen
buwten di kring ind woenen him to wird
komme.

47 Do sei immen tsjin him, "Hen,
"jins mem ind broárren stéane dær
"buwten ind siikje jou to sprekken."

48 Mar hy anderjende spriik tsjin
him, dy it sei, "Hwa is myn mem, ind
"hwa binne myn broárren?"

49 Ind hy syn hân' uwtstekkende oer
syn léarlingen spriik, "Sjoch dær myn
"mem ind myn broárren:

50 "Want sa hwa it hjitten docht

"fen myn heit dy yn di himelen is, dy
"is myn broar, ind sister, ind mem."

XIII.

1 JESUS yn dy tiid ris uwt huws géande gong sitten by di séaswâl;
2 Ind gréate héapen folk scoállen om him hinne, sa dat hy yn ien fartuech stapte ind dær sitten gong, ind di hiele scare stie' op di seaswâl.
3 Hy nou spriik ien bulte tsjin hjar yn likenissen, sizzende,
4 "Hen, ien sjidjer gong uwt om to
"sjidjen; ind as hy sjidde foel ien
"party fen it sied by di wei, ind di
"fuwgels kamen ind ieten dat op.
5 "Ind ien party oar foel op stjinnige
"pléatsen, hwære it naet folle ierde
"hie'; ind it gong mei ien amery op,
"omdat it nin djipte fen ierde hie',
6 "Mar as di sinne opkomd wier sa
"is it forbarnd, ind omdat it nin wirtel
"hie' is it forthoárre.
7 "Ind ien party oar foel yn di
"thoárnen, ind di thoárnen woechsen
"op ind smoarden it.
8 "Mar ien party oar foel yn di goede

"ierde ind joech frucht, dat iene hoen-
"dert-, dat oare tsextich-, ind dat oare
"thritich-fâld.

9 "Hwa éaren hat om to heárren, di
"harkje!"

10 Di léarlingen him dærop oanrin-
nende seinen, "Hwærom sprekke jy
"tsjin hjar yn likenissen?"

11 Hy nou anderjende sei tsjin hjar,
"Omdat it jimme jown is di geheimnissen
"fen it keningryk fen di himelen yn to
"sjæn, mar hjar is dat net jown.

12 "Want hwa hat dy scil jown
"wirde, ind hy scil oerfloed habbe; mar
"hwa naet hat fen him scil nomd wirde
"eák hwat hy hat.

13 "Dærom sprek ik yn likenissen
"tsjin hjar, omdat hja sjænde naet
"sjæne ind heárrende naet heárre ofte
"forstéane.

14 "Mei hjar komt den di foársiz-
"zinge fen Jesaijas nei as hy sprekt,
"'Mei jimme éaren scille jimme it heáre
"ind dochs naet forstéan, ind sjænde
"scille jimme sjæn, mar it naet mierk
"bite.

15 "Want it hert fen dit folk is doaf-
"huwdich wirden, ind mei di éaren

" binne hja hirdheárrich wirden, ind hjar
" éagen hawwe hja taknypt, dat hja alte-
" mets mei di éagen naet sjæn mochten
" ind mei di éaren heárre, ind mei it
" herte forstéan, ind hja hjar bikeerje,
" ind ik hjar genæzje.'

16 " Mar jimme éagen binne sillich
" omdat hja sjæne, ind jimme éaren
" omdat hja heárre.

17 " Siker sonk sizz' ik jimme, dat ien
" bulte profeten ind rjochtfirdigen fjirke
" habbe om to scoagjen, hwat jimme
" loakje, ind hja hawwe it naet sjoen;
" ind om to heárren hwat jimme heárre,
" ind hja hawwe it naet heárd.

18 " Jimme nou harkje oer di likenis
" fen di sjidjer.

19 " Sa hwa den it wird fen it kening-
" ryk heárt ind it naet forstiet, di
" quéade komt ind scuórt it sjidde wer
" uwt syn hert wei. Dat is hy, dy lâns
" di wei bisjidde is.

20 " Hwa op stjinnige pléatsen bi-
" sjidde is, dat is hy, dy it wird heárt
" ind it rimpen mei blydscip oannimt;

21 " Lykwol het it nin wirtel scetten
" ind it is mar foár ien tiid; want as
" dær fordrukkinge oaf forfolginge komt

" om it wird, stjit hy him dær anstons
" oan.

22 " Dy yn di stikels bisjidde waerd
" dat is hy, dy it wird heárt, mar di
" soárgen fen di wrâld ind di forlieding
" fen di rykdom smoart it wird, ind it
" wirdt geld.

23 " Dy dærtsjin op bæste groun bi-
" sjidde waerd, dat is hy, dy it wird
" heárt ind it forstiet; sa'n ien jouwt
" frucht ind draecht, di iene hoendert-,
" di oare tsextich-, ind wer ien oaren
" thritich-fâld."

24 Hy hat hjar ien oare likenisse
foárlein sizzende, " It keningryk fen di
" himelen is lyk ien man, dy bæst sied
" sjiddet op syn lân;

25 " Mar wylst di lju' sliepe komt
" syn fynne ind sjiddet onkruwd midz
" yn di hweet ind hy slôep wei.

26 " Do nou it graen bloide ind
" frucht bigoan to setten kaem it on-
" kruwd eák foár di thried.

27 " Di feinten den nei di huwsman
" géande seinen him, 'Héar, hawwe jy
" nin bæst sied op jins lân' sjidde?
" Hwære hat it nou dat onkruwd wei?'

28 " Dær hy hjar op sei, ' Dat het ien

"fyânnich man dien.' Do fréaggen hja
"him, 'Wolle jy eák dat wy hinnegéane
"ind it by eltsoar helje?'

29 "Hy sei, 'Né; want it onkruwd
"by ienoár heljende scoene jimme di
"hweet licht mei uwtluwke.

30 "Lit it beide mei eltsoar opwaexje
"oan di risptiid ta; ind yn di risptiid
"scil ik tsjin di sichters sizze, gærje
"nou éarst it onkruwd by ienoár, ind
"bynn' it yn bosken om it to forbarnen,
"mar ryd di hweet op ien héap yn di
"scuórre.'"

31 Noch lei hy hjar ien oare likenisse
foár: "It keningryk fen di himelen is lyk
"ien mosterdsjidke, dat ien man nimt
"ind sjiddet yn syn groun.

32 "Dat nou is lytser as alle sjidden,
"mar as it opscetten is is it gréater as
"alle grienten ind it wirdt ien béam,
"dær di fuwgels fen di himel op tafléane
"ind yn syn tuwken næstelje hja."

33 Noch sei hy hjar ien oare likenisse,
"It keningryk fen di himelen is lyk ien
"stik soerdâi, dat ien wiif naem ind
"bekniip it yn thrye lepsens moal ta it
"allehiel trochsuórre wier."

34 Dat spriik Jesus allegeárre yn

likenissen tsjin di scaren, ind sonder likenissen spriik hy néat tsjin hjar, dat it sizzen fen di profeet neikomme scoe' as hy sprekt,

35 "Ik scil myn muwle mei likenissen "iepenje: ik scil uwtbringe hwat fen di "foendeárringe fen di wrâld forholen "wier."

36 Do liet Jesus di scaren geán ind by stôep yn huws. Mar di léarlingen kamen by him sizzende, "Lizz' uws di "likenisse fen it onkruwd op it boulân' "uwt."

37 Ind hy anderjende sei tsjin hjar, "Dy dat bæste sied sjiddet is di soan "fen di minsce.

38 "It boulân' is di wrâld. Dat "bæste sied binne di soánnen fen it "keningryk. It onkruwd binne di "soánnen fen di quéade,

39 "Ind di fynne, dy it sjiddet, is di "dîwel. Di risptiid is it einbisluwt fen "di wrâld. Di sichters binne di ingels.

40 "Lyk as nou it onkruwd by "eltsoar helle' ind mei fjoer forbarnd "wirdt, sa scil it eák wæze by it uwtein' "fen di wrâld.

41 "Di soan fen di minsce stjoert syn

" ingels uwt, ind hja scille alle fortokkers
" ta it quea', ind dy quea' dwane,
42 " Uwt syn keningryk by eltsoár
" swylje ind dy yn di uwn mei fjoer
" smite. Dær scil wæze gekryt ind
" knarsinge fen di tosken.
43 " Den scille dy rjochtfirdigen lyk
" as di sinne uwtscitterje yn it ryk fen
" hjar heit. Dy éaren het om to hearren
" dy heárre.
44 " It keningryk fen di himelen is
" lyk ien scat dy weistoppe is yn ien stik
" lân, dy immen fynt ind forholen hâldt;
" ind fen blydscip giet hy wei, forkéapet
" al hwat hy het ind kéapet dat stik lân.
45 " Alwer is it keningryk fen di
" himelen lyk ien kjepman, dy sîket om
" fine pearels,
46 " Ind dy íén finende fen di heach-
" ste wirde al forkéapet hwat hy hat
" ind dy pearel kéapet.
47 " Alwerom is it keningryk fen di
" himelen lyk' as ien seine, dy yn séa
" uwtsmiten wirdt ind fen âlderlei soarte
" by ienoár hellet,
48 " Mar dy, as hja folroun is, di
" fiskers op it lân' slypje ind sitten
" géande er di goede fisken uwtsciftje

"ind yn di binnen dwane, mar di katte-
"fisk wye hja wei.

49 "Sa scil it wæze by it uwtein fen
"di wrâld. Di ingels scille komme ind
"sciftje di ondoagensce uwt it midden
"fen di rjochtfirdigen,

50 "Ind wye hjar yn di uwn mei
"fjoer. Dær scil wæze gescriem ind
"knersinge fen di tosken."

51 Jesus sei tsjin hjar, "Forstéane
"jimme dat allegeárre?" hwærop hja
seinen, "Ja, Heare."

52 Ind hy sei tsjin hjar, "Elts
"scruftkindige, dy léard het foár it
"keningryk fen di himelen, is lyk ien
"huwsbaes, dy âld ind ny uwt syn
"spyskéamer foár den dei hellet."

53 It barde nou, as Jesus dizze like-
nissen ten ein' hie', dat hy dær weigong;

54 Ind kommende yn syn âlders sted
léarde hy hjar yn hjar synagogen, sa dat
it hjar binydde ind hja seinen, "Hwære
"het dizze dy wysheid ind dy woender-
"kreften fen dinne?

55 "Is hy naet di soan fen di
"timmerman, ind hjit syn mem net
"Marya, ind syn broárren naet Jacobus
"ind Joseph ind Simon ind Judas?

56 "Ind syn sisters binne dy allege-
"árre naet onder uws? Hwær fen is
"dizze den dat alles oanwâid?"
57 Ind hja séagen him mei scéane
éagen oan; mar Jesus sei tsjin hjar,
"Ien profeet is néarne hosk as yn syn
"eigen lân' ind huws."
58 Ind om hjar wanléauwe het hy
dær nin bulte woenderkreften dien.

XIV.

1 OM dy tiid hinne heárde Herodes,
dy fjouwerfoárst, di mare fen Jesus,
2 Ind hy sei tsjin syn hoawelingen,
"Dat is Joännes, di doaper! Hy is
"wekke uwt di déaden, ind dærom
"wirkje dizze woenderkreften yn him."
3 Herodes ommers hie' hannen oan
Joännes slein ind him knewelle yn di
finsenisse om Herodias, it wiif fen syn
broar Filippus.
4 Joännes ommers hie' tsjin him sein,
"It stiet jou net fry hjar to hawwen."
5 Ind fen sins om him fen kant to
holpjen doárste hy naet om it folk, dat
him foár ien profeet houde.
6 Mar do di jirdei fen Herodes fierd

waerd dounsse di dochter fen Herodias yn it midden, ind Herodes hie' nocht oan hjar,

7 Hwærom hy hjar mei ien eed tasei, dat hy hjar al jaen scoe', hwat hja eák éaskke.

8 Hja nou, dy it foároaf fen hjar mem ynstitsen wier, sei, "Jouw my hjir di "holle fen Joännes di doaper op ien "itenspanne."

9 Di kening nou bisauwwe, mar om di éden ind it selscip, dat mei iet, hjitte hy om it hjar to jaen,

10 Ind er ien op âstjoerende liet hy Joännes yn di finsenisse onthaden.

11 Ind di holle fen him waerd op ien itenspanne brocht ind oan di faem jown.

12 Syn léarlingen nou dær op takommende namen it lyk wei ind bidobben it; ind hja gongen hinne ind brochten er Jesus tynge fen.

13 Mar Jesus dat heárrende gong dær mei ien fartuech wei nei ien oenbiwenne oarde yn syn jinlikheid. Ind di scaren dat heárrende binne him uwt di stedden to foet folge.

14 Do Jesus dærnei foár den dach kaem séach hy ien gréate scare ind

krigge ynnerlik meilyen mei hjar ind genæsde di kerbintigen onder hjar.

15 Do it begoan to jounjen kamen syn léarlingen by him sizzende, "Yn "dizze krite wenje nin minscen, ind di "uwre is al forroun; lit it folk dærom "géan, dat hja yn di buórren géane om "iten foár hjar to kéapjen."

16 Mar Jesus sei tsjin hjar, "It is "naet nedich dat hja weigéane; jouw "jimme hjar to iten."

17 Mar hja seinen tsjin him, "Wy "hawwe hjir néat as fiif breaën ind twa "fisken."

18 Ind hy sei, "Bring my dy hjir."

19 Ind do hy it folk hjitten hie' om op it gærs sitten to géan, naem hy dy fiif bréaën ind dy twa fisken, ind opsjænde nei di himel seynde hy; ind do hy di bréaën britsen hie' joech hy dy oan di léarlingen, ind di léarlingen oan di scaren.

20 Ind hja ieten allegeárre ind krigen hjar biderf, ind di oerscettene brokken, tolef kuórrenfol, namen hja wei.

21 Dy dær iten hienen wierne yn tal sa hwat fiifthuwzen manlju' buwten dí froulju' ind di bern.

22 Fuórt nou dærop stie' hy syn léarlingen oan om oan boart to géan ind foáruwt nei di oare wâl to farren; hy scoe' onderwiles di scaren uwt eltsoar géan litte.

23 Do er nou dy scaren uwt eltsoar géan litten hie' kléau hy op di berch om yn syn jinlikheit to bidden, ind do dy joun fallen wier siet er dær allinne.

24 It scip, al midden yn séa, waerd danich fen di wéagen tanteárre; want it hie' yn di wyn'.

25 Mar om di fjirde wacht fen di nacht hinne kaem hy kuyerjende op di sea by hjar.

26 Ind di léarlingen him op séa sjænde omkuyerjen wierne wakkere forheerd ind seinen, "It is ien scynsel." Ind hja lieten ien gjalp fen scrik.

27 Mar Jesus spriik hjar anstons ta ind sei, "Wæs goed to moede; ik bin "it; wæs naet éang."

28 Petrus nou him anderjende sei, "Héare, as jy it binne, hjit den dat ik "op di wéagen ta jou kom."

29 Ind Jesus sei, "Kom!" Ind Petrus uwt it scip stappende kuyerde op di wéagen om by Jesus to kommen.

30 Mar sjænde di hirde wyn' waerd hy éang, ind sa as hy bigoan to sinken roap hy luwd, " Héare, holpje my."

31 Ind Jesus anstons syn hân tarikkende griip him ind sei tsjin him, " Lytstrouwjende! Hwærom waerds- " thou twifelmoedich?"

32 Ind do hja yn it scip stôepene gong di wyn' lizzen.

33 Mar hja dy yn it scip wierne gongen hinne ind foelen mei it eânsicht foár him op di groun' sizzende, " Jy " binne yn wjirheid Goads soan."

34 Do hja nou oerféarn wierne kamen hja yn di sted Gennesaret,

35 Ind di ljouwe fen dy pléats dat oan di wyt kommende habbe er yn di omlizzende kriten oeral tynge fen stjoerd, dy dærop alle kerbintigen ind sîken ta him brochten,

36 Ind him béanen, dat hja alinne mar di stems fen syn tabbert oanreitse mochten; sa hwa er nou oan roarden betterren.

XV.

1 DO kamen di scruftgelearden ind Farisieuwen fen Jeruzalem by Jesus sizzende,

2 "Hwærom oertredde jins léarlingen "di ynstellingen fen di âlden? Want "hja grobbelje hjar hannen net as hja "ien stik bréa' ite."

3 Mar hy anderde ind sei hjar, "Ind "hwærom oertredde jimme it gebod fen "God om jimme eigene ynstelling?

4 "Want God het spritsen, 'Earje "dyn heit ind mem,' ind noch' ris, "'Hwa heit oaf mem forflokt dy stjeárre "di déad.'

5 "Mar jimme sizze, 'Hwasthou fen "my winne scoeste wæzz' ien timpel-"gifte,' ind hy scil syn heit ind syn "mem naet éarje.

6 "Ind sa habbe jimme it gebod fen "God to njette dien.

7 "Scynhilligen! Jesajas het it moai "fen jimme profeteárre sizzende,

8 "'Dit folk éaret my mei di lippen, "mar hjar hert hâldt him fier fen "my.

9 "Mar it is forgeefs, dat hja my
"foréarje, ind wiles léaringen léare, dat
"ynstellingen fen minscen binne.'"
10 Dærop di scaren ta him roppende
sei hy, "Heár and forstéan!
11 "Hwat di muwle yngiet ontrei-
"nicht di minsce naet, mar hwat di
"muwle uwtgiet dat ontreinicht him."
12 Do kamen syn léarlingen by him
ind seinen, "Wite jy wol dat di Fari-
"sieuwen op it heárren fen jins wirden
"danich ergerd binne?"
13 Mar hy anderde hjar ind sei,
"Eltse plant, dy myn himelsce heit naet
"plante het, scil roid wirde.
14 "Lit hjar bljouwe. It binne
"bline lieders fen di blinen; mar as di
"blinen di blinen liede truwzelje hja
"beide yn di sléat."
15 Petrus dærop it wird fetjende sei
tsjin him, "Lizz' uws dy likenisse erris
"uwt."
16 Hy sei, "Binne jimme eák noch sa
"onbigripelik?
17 "Bigripe jimme naet, dat alles
"hwat di muwle yngiet, nei it liif
"tsjocht ind op it huwske lege wirdt?
18 "Mar hwat di muwle uwtgiet

"komt uwt it herte op, ind dat makket
"di minsce onhuer.

19 "Want uwt it herte komme op
"tsjoede uwtfynsels, deáslaggen, oerhoer,
"huórkery, thjeaften, falsce tugenissen,
"lasteringen.

20 "Dy binne it dy di minsce
"smoárch meitse, mar mei hannen to
"iten, dy net grobbele binne, dat makket
"di minsce naet smoárch."

21 Jesus den dær weigéande is nei di
oarden fen Tyrus ind Sidon tein.

22 Ind hen, ien Kanansk wiif uwt dy
kriten kommende jammerre him tsjin
sizzende, "Héare, Davids soane, erbarmje
"jou o'er my. Myn dochter wirdt
"onhjirmlik riden fen ien quéade gaest."

23 Mar hy anderde hjar nin wird.
Syn léarlingen nou by him kommende
stienen him oan sizzende, "Meitse jou
"fen hjar oaf; hja guwlt uws efter nei."

24 Mar hy anderde ind sei, "Ik bin
"naet uwtstjoerd as nei di forlerne sciep
"fen it huws Israëls."

25 Mar hja him bykommende foel op
it eánsicht foár him del ind sei, "Héare,
"holpje my!"

26 Dær hy op anderde ind sei, "Men

" meye di bern it bréa' naet onthâlde ind
" wye it foár di hontsjes."

27 "Dat is sa, héare," sei hja wer,
" mar di hontsjes ite eák fen di kromkes,
" dy fen di tafel fen hjar bazen falle."

28 Do anderde Jesus ind sei hjar,
"O wiif, gréat dyn geléauwe: dy barre
" hwasthou sa jern woe'ste!" Ind fen
dy uwre oaf oan wier hjar dochter
better.

29 Ind Jesus dær weigéande kaem by
di séa fen Galilea ind kliuwende op ien
héage therp gong hy dær sitten.

30 Ind gréate fleten folk kamen ta
him by hjar habbende manken, stommen,
blinen, lammen, ind soks ien bulte oaren,
ind hja leinen hjar foár syn fuótten del.
Hy nou makke hjar better,

31 Sa dat it folk forsteld stoe' sjænde
di stommen sprekken, di lammen mei
friske lea' ind di manken rjochtgéande
ind di blinen sjænde. Hja forhéarlikken
eák di God Israëls.

32 Mar Jesus syn learlingen by him
roppende sei tsjin hjar, " Ik haw ynnerlik
" meilyen mei dat folk, dy nou al sont
" thrye dagen by my bljouwe ind net to
" iten hawwe. Om hjar nou nochteren

"géan to litten sa wol ik naet; want
"den falle hja noch flou onder weis."

33 Syn léarlingen lykwol seinen tsjin him, "Hwær krye wy yn ien oenbewenne "pléats sa folle bréaën fen dinne, dat "wy sa'n gréate scare hjar biderf jaen "kenne?"

34 Hwærop Jesus tsjin hjar sei, "Ho "folle breaën hawwe jimme?" Hja seinen sawn ind ien mannich fiskjes.

35 Do hjitte hy di scaren op di groun del to fallen,

36 Ind di sáwn breaën ind di fisken nimmende seynde hy se, ind briik se, ind joechse oan di léarlingen, ind di léarlingen wer oan di scaren.

37 Ind hja ieten allegeárre ind krîgen hjar biderf, ind fen di oerbleaune biten ind brokken namen hja sawn folle kuórren mei.

38 Dy dær ieten wierne yn tal fjouwer-thuwzen manlju' buwten di froulju' ind bern.

39 Ind do hy di scaren géan litten hie' stoep hy yn it scip ind kaem yn di krîten fen Magdala.

XVI.

1 DÆRNEI di Farisieuwen ind Sadducieuwen kommende om him to tantjen freaggen him, dat hy hjar ien woenderteiken oan di himel sjæn litte scoe'.

2 Mar Jesus anderde ind sei, "As it "jounet sizze jimme, moai waer; want "di loft is réad."

3 "Ind moárns-ier is it, Hjoed min "waer; dær is sa'n oenwarich réad oan "di loft. Ho di loft him oanjouwt wite "jimme wol to onderscieden, mar di "teikens fen di tîden naet.

4 "It ondoagensce ind oerhuórrige "scâi fréaget om ien woenderteiken, ind "dær scil hjar nin oar teiken jown "wirde as it teiken fen Jonas di profeet." Dærmei hjar forlittende gong hy syn wei.

5 Do nou syn léarlingen oan di oare wâl kamen hienen hja forgetten breaën mei to nimmen.

6 Jesus nou sei tsjin hjar, "Sjæn ta "ind wachtje jimme foár it soerdâi fen "di Farisieuwen ind Sadducieuwen."

7 Mar hja riddeneárren onder ienoár

sizzende, "Wy habbe nin breaën mei-
"nomd."

8 Ind Jesus dat mierkende sei,
"Hwat riddeneárje jimme onder ienoár,
"lytstrouwige, dat jimme nin bréaën
"meinomd habbe?

9 "Thinke jimme den nearnze om?
"oaf huwget it jimme naet fen di fiif
"bréaën foár di fiifthuwzen man, ind ho
"folle kuórfollen jimme noch meinomd
"hawwe?

10 "Oaf fen di sawn bréaën foár di
"fjouwerthuwzen man, ind ho folle
"itenskuórfollen jimme meinomd hawwe?

11 "Bigripe jimme dan naet, dat ik
"naet tsjin jimme spriik oer di breaën?
"Ik sei om jimme to wachtjen foár it
"soerdâi fen di Farisieuwen ind di
"Sadducieuwen."

12 Do bigrîpen hja dat hy naet sein hie' om hjar to wachtjen foár it soerdâi fen di breaën, mar foár di léare fen di Farisieuwen ind Sadducieuwen.

13 Jesus dærop kommende yn di streken fen Filippi-Cæsarea freagge syn léarlingen sizzende, "Hwa sizze di ljoue
"dat di soan fen di minsce is?"

14 Hwærop hja anderden, "Jinnige

"sizze fen Joannes di doaper, oaren fen
"Elijas, oaren wer fen Jeremijas oaf ien
"fen di profeten."

15 Hy sei tsjin hjar, "Mar hwa sizze
"jimme dat ik bin?"

16 Simon Petrus nou anderde ind sei,
"Jy binne di Christus, di sóan fen di
"libbende God."

17 Hwærop Jesus anderjende tsjin
him sei, "Loksillich bisthou, Simon Bar-
"jona! Want flæsk ind bloed het dy
"dat naet ynjown, mar myn heit dy 't
"yn di himelen is.

18 "Eák sizz' ik dy dasthou biste
"Petrus (stjinrotse) ind op dy stjinrotse
"scil ik myn gemeinte bouwje, dat di
"doárren fen di hol hjar naet oermaster-
"je kenne.

19 "Ind ik scil dy di kâyen fen
"it keningryk fen di himelen jaen, ind
"hwasthou bine scilste op ierde dat scil
"boun wæze yn di himelen: ind hwas-
"thou losmakkeste op ierde dat scil
"losmakke wæze yn di himelen."

20 Do het hy it syn léarlingen for-
béan om it nimmen to sizzen, dat hy
Jesus di Christus wier.

21 Fen dy uwre oan bigoan Jesus syn

léarlingen uwttoduedjen dat hy nei Jeruzalem ta moast ind folle lye fen di âldermans ind haedprêsters ind scruftgeléarden, ind déad makke wirde, ind op di thredde dei wer opstéan.

22 Dærop Petrus him eármkjende bekibbe ind sei, "Wæzz' jou selfs gene-
"dich, héar! Dat mat jou néa oerkom-
"me."

23 Mar hy oars wirdende sei tsjin Petrus, "Scéar dy fen my, forlieder!
"Dou biste my ien stroffelblok; want
"dou thinkste naet om di dingen fen
"God, mar di minscen."

24 Do sei Jesus tsjin syn léarlingen,
"As immen efter my oangéan wol dy
"mat him selfs forsaekje; ind syn kruws
"op him nimme ind my folgje.

25 "Want dy syn libben biwarje
"wol dy scil it forlieze, mar sa hwa
"it libben om my forliest dy scil it
"fine.

26 "Want hwat holpt it di minsce, dat
"hy di wîde wrâld wint, mar scéa lyt
"oan syn libben? Oaf hwat losjild scil
"di minsce jaen foár syn libben?

27 "Want di soan scil yn di héarlik-
"heid fen syn heit komme mei syn

" ingels, ind den scil hy elts leánje nei
" syn dwaen.

28 " Siker sonk sizz' ik jimme, hjir
" stéane jinnige, dy di déa' naet smeitse
" scille foár dat hja di soan fen di minsce
" kommen sjæne yn syn keningryk."

XVII.

1 NEI seis dagen Jesus Petrus ind Jacobus ind Joännes syn broar mei him ind laetta hjar op ien héage berch yn di jinsomheid.

2 Dær foroarre syn gedaente foár hjar éagen, ind syn throánje teisterre lyk as di sinne; eák syn kléan waerden blank as it ljocht.

3 Ind hen, Moses ind Elijas forscynden hjar peteárjende mei him.

4 Petrus nou it wirde opnimmende sei tsjin Jesus, " Héare, it is hjir scoan
" foár uws to wæzen; as it jou bileáft
" scil ik hjir thrye tinten meitse, íén
" foár jou, ind íén foár Moses, ind foár
" Elijas íén."

5 Wylst hy noch spriik, hen, ien hellljochte wolke striik om hjar hinne, ind hen, ien stimme uwt dy wolke sizzende,

"Dit is myn soan, myn ljéafling, dær ik
"myn gefallen yn haw; harkje nei him."
6 Ind di léarlingen dat heárrende
foelen op hjar eánsicht del ind forbouwe-
reárren wakker.
7 Ind Jesus nei hjar ta géande rekke
hjar oan ind sei, "Stéan op ind wæzz'
"naet éang."
8 Mar hjar éagen opslaende séagen
hja nimmen as Jesus allinne.
9 Hja dærmei di berch delgéande het
Jesus it hjar oplein sizzende, "Forhelje
"dit gesicht oan nimmen foár dat di
"soan fen di minsce uwt di déaden
"opstein is."
10 Ind syn léarlingen fréaggen him,
"Ho kenne di scruftgeléarden dochs
"sizze, dat Elijas éarst komme mat?"
11 Ind hy anderde ind sei, "Elijas
"komt éarst ind scil alles wer to rjochte
"bringe.
12 "Ind ik sizz' jimme dat Elijas al
"komd is, mar hja hawwe him naet
"kend, ind hja habbe mei him dien
"hwat hja woenen. Liker wîze scil eák
"di soan fen di minsce fen hjar to lyen
"hawwe."
13 Do bigrîpen di léarlingen, dat hy

hjar fen Joannes di doaper spritsen hie'.

14 Dœrop nei it folk géande sa kaem dær ien man by him, dy foár him delknibbelle ind sei,

15 "Héare, haw meilyen mei myn "soan; want hy is moánnesiik ind mat "onhjirmlik lye. Jamk falt hy yn it "fjoer ind jamk yn it wetter.

16 "Nou hab ik him by jins léar-"lingen brocht, mar hja koenen him "naet genæze."

17 Do anderde Jesus ind sei, "O "onléauwich ind forwrongen scâi! Ho "lang mat ik noch by jimme wæze? "Ho lang mat ik jimme drage? Bring "him my hjir."

18 Ind Jesus biscrobbe him, ind di quéade gaest gong uwt him, ind it bern wier fen dy uwre oaf wer genæzen.

19 Do di léarlingen ta Jesus kommende seinen him biside, "Hwærom "koenen wy him er naet uwtréagje?"

20 Ind hy sei hjar, "Om jimme onge-"léauwe. Siker sonk sizz' ik jimme, "as jimme ien geléauwe hiene as ien "mosterdsjidke, jimme scoene tsjin dizze "berch sizze, 'Géan hjir wei dær hinne,'

"ind hy scoe' hinnegéan, ind néat scoe'
"jimme ondwaenlik wæze.

21 "Mar di slach fen gaesten ken net
"weiréage wirde as throch bidjen ind
"fæstjen."

22 Wylst hja Galilea op ind del-
gongen sei Jesus tsjin hjar, "Di soan
"fen di minsce scil yn di hannen fen di
"minscen oerlieuwere wirde,

23 "Ind hja scille him deye, ind op
"di thredde dei scil hy wer opstéan."
Do wieren hja wakker forboeke.

24 Do hja yn Capernaum gongen
kamen di ontfangers fen di didrachmen
by Petrus ind seinen, "Jimme master
"bitellet dy di didrachmen net?"

25 Ind do hy yn huws gien wier
kaem Jesus him foar sizzende, "Hwat
"thinkt dy, Simon? Di keningen fen
"di wrâld, fen hwa nimme hja tollen
"oaf scatting? Fen hjar soánnen oaf
"fen di freámden?"

26 Petrus sei tsjin him "Fen di
"freámden." Hwær Jesus op sei, "Di
"soánnen binne dos fry:

27 "Mar om hjar uws naet tsjin to
"meitsen géan dou nei séa, smyt di
"angel uwt, ind nim di éarste fisk

"dysthou ophelleste ind syn bek iepen-
"jende scilsthou ien stater-stik fine:
"nim dat ind jouw it hjar foár dy ind
"foár my."

XVIII.

1 OP dy sel'de uwre kamen di léar-
lingen by Jesus sizzende, "Hwa is dochs
"di gréatste yn it keningryk fen di
"himelen?"

2 Ind Jesus ien bern by him roppende
sette it yn it midden fen hjar del ind
sei,

3 "Siker sonk sizz' ik jimme, as
"jimme naet foroarje ind lyk as dat
"berntsje wirde, kenne jimme yn it
"keningryk fen di himelen allehiel naet
"komme.

4 "Hwa him nou dimmen deljouwt
"lyk as dat berntsje is di gréatste yn it
"keningryk fen di himelen.

5 "Ind hwa íén sa'n berntsje om my
"opnimt dy nimt my op.

6 "Hwa dærtsjin íén fen dizze lytsen,
"dy 't yn my léauwe, ta ien strukelblok
"wirdt, it wier him nutter dat him ien
"mounlestien om di nekke boun wier

"ind hy forsonken yn it djipste fen di
"séa.

7 "Wé di wrâld om di stroffel-
"blokken! Stroffelblokken, ja, matte
"dær nedich komme, mar wé dy minsce
"throch hwa it stroffelblok komt.

8 "As dyn hân' oaf dyn foet dy ien
"stroffelblok is kap him oaf ind wye
"him fen dy: want it is dy better
"dasthou mank oaf biheind yn it libben
"gieste as dasthou mei twa hannen ind
"twa fuótten yn it ieuwige fjoer keild
"wirdste.

9 "Eák as dyn éach dy ien stroffel-
"blok is luwk it uwt ind wye it fen dy.
"It is dy better dasthou mei íén éach ta
"it libben yngieste as dasthou mei twa
"éagen yn di geënna fen it fjoer keild
"wirdste.

10 "Sjæn ta dat jimme naet íén fen
"dizze lytsen forsmaedje. Want ik
"sizz' jimme, dat hjar ingels yn di
"himelen jimmer-wei di throánje fen
"myn heit, dy 't yn di himelen is,
"oanscoagje.

11 "Want di soan fen di minsce is
"komd om hwat forlern wier to bihâlden.

12 "Hwat thinkt jimme? As ien

" man hondert scjippen hie' ind íén dær
" fen fordwaelde, scoe' hy di njoggen-ind-
" njoggentich net op di bergen allinne
" litte ind weigéan om it fordwaelde to
" siikjen?

13 " Ind as hy it komt to finen, siker
" sonk sizz' ik jimme, dat hy om dat
" iene blîder is as om di njoggen-ind-
" njoggentich, dy't naet fordwaeld wierne.

14 " Sa wol myn heit yn di himelen
" naet, dat er íén fen dizze lytsen forlern
" giet.

15 " As dyn broar eák tsjin dy mis-
" docht géan hinne ind biscrobje him
" twiske dy ind him alinne. As hy nei
" dy luestert hesthou dyn broar woun.

16 " Luestert hy net nei dy, nim
" yette íén oaf twa mei dy, omdat elts
" ding by di muwle fen twa oaf thrye
" getugen uwtmakke wirdt.

17 " As hy eák nei dizze naet luestert
" sizz' it oan di gemeinte. As hy eák
" naet nei di gemeinte luestert den
" wæzz' hy dy as ien heiden ind ien
" tolgærjer.

18 " Siker sonk sizz' ik jimme, sa
" hwat jimme bine scille op ierde dat
" scil boun wæze yn di himel; ind sa

" hwat jimme losmeitse op ierde dat scil
" los wæze yn di himel.

19 "Noch 'ris sizz' ik jimme, as er
" twa fen jimme op ierde oer ien ding
" iens binne om dat to fréagen, dat it
" hjar gewirde scil fen myn heit dy 't yn
" di himelen is.

20 "Want hwære twa yn léauwe oan
" my by ienoár binne dær bin ik yn it
" midz fen hjar."

21 Petrus do by him kommende sei,
" Héare, ho faek scil myn broar tsjin my
" misdwaen, dat ik it him forjean mat?
" Ta sawnris ta?"

22 Jesus anderde him, "Net oan
" sawnris ta sizz' ik dy, mar oan santich-
" ris-sawn ta.

23 "Dærom wirdt it keningryk fen
" di himelen by ien kening forlike, dy
" mei syn hoaflju' oafrekkenje woe'.

24 "Do hy bigoan â-to-rekkenjen
" waerd dær ien scildner fen thuwzen
" talinten foár him brocht.

25 "Mar do dy néat hie' om to
" biteljen joech di héar bifel om him to
" forkéapjen mei syn wiif ind syn bern
" ind alles hwat hy hie', om sa ta syn
" jild to kommen.

26 "Di hoafman knibbeljende foel
"foár him op it eánsicht ind sei,
"'Héare, haw gedild mei my ind ik scil
"jou alles bitelje.'
27 "Di héar nou mei meilyen bigien
"het him ontslein ind him di scild
"sconken.
28 "Mar di hoafman weigéande foan
"íén fen syn mei-hoaflju', dy him hoen-
"dert denarien scildich wier, ind him
"oangripende makke him kel ind sei,
"'Bitelje my wasthou my scildich biste.'
29 "Syn mei-hoafman dan foár syn
"fuótten delfallende smeekte him siz-
"zende, 'Haw gedild mei my ind ik scil
"jou alles bitelje.'
30 "Mar hy woe' net, ind him di
"ræch takerende smiet hy him yn di
"gîzeling ta hy syn scild bitelle hie'.
31 "Syn mei-hoaflju' nou sjænde
"hwat dær foárfoel waerden throchlilts
"ind nei hjar héar géande leinen hja
"him alles bléat hwat dær barde.
32 "Do roap di héar him by him
ind "sei, 'Oendoagensce hóafman! Di
hiele "gréate scild hab ik dy sconken
"omdasthou er my om smeekt heste:
33 "Téamme it dy naet om dy to

"erbarmjen oer dyn mei-hoafman lyk as
"ik my erbarme haw oer dy?'

34 "Ind di héar forgrimme joech him
"oer oan di cippiers ta hy him al syn
"scild âdien hie'.

35 "Sa scil myn himelsce heit jimme
"eák dwaen, as jimme elts syn broar net
"uwt jimme herten forjouwe."

XIX.

1 IT barde nou as Jesus al dizze redenen bisletten hie', dat hy uwt Galilea weitéach ind kaem oer di Jordaen binnen di pjellen fen Judea.

2 Gréate fleten folk nou folggen him, ind hy genæsde hjar dær.

3 Eák di Farisieuwen kamen om him to tantjen ind seinen him, "Mei ien man
"him sciede fen syn wiif om eltse re-
"den?"

4 Hy nou anderde ind sei hjar,
"Hawwe jimme naet læzen, dat di
"scepper fen di minscen hjar fen it
"begin oaf ta man ind wiif makke het?

5 "Ind dat hy sein het, 'Dærom scil
"di man heit ind mem forlitte ind syn

" wiif oanklewe ind di twa scille ta íén
" flæsk wæze,'

6 " Sa dat hja naet méar twa binne
" mar íén flæsk. Want hwat God oan
" ienoár knoate het dat mei di minsce
" naet sciede."

7 Hja seinen tsjin him, " Hwærom het
" Moses den hjitten om hjar ien scied-
" brief to jaen ind wei to stjoeren?"

8 Hy sei, " Moses het jimme om di
" rouheit fen jimme herten tastien jimme
" froulju' wei to stoeren, mar yn it bigin
" wier dat sa net.

9 " Nou sizz' ik jimme, hwa syn wiif
" weistjoert, ind net om oerhoer, ind ien
" oare trouwt, dat hy oerhoer docht, ind
" dy it scate wiif trouwt docht eák
" oerhoer."

10 Syn léarlingen seinen tsjin him,
" As it ding fen di man mei it wiif sa
" stiet is it better naet to hylkjen."

11 Mar hy sei hjar, " Allegeárre kenne
" hja dat wird naet folbringe, as hwa dat
" jown is.

12 " Want dær binne sneinen, dy sa
" uwt it liif fen hjar mem to wrâld
" komme: dær binne eák sneinen, dy
" fen di minscen snein wirde, ind dær

"binne eak sneinen, dy hjar selfs snye
"om it keningryk fen di himelen. Hwa
"it bybringe ken dy bringe it by."

13 Do brochten hja bern by him, dat hy di hannen op hjar lizze ind hjar seinje scoe', mar di léarlingen bikibben hjar.

14 Jesus sei lykwol, "Lit di berntsjes
"ta ind hinderje hjar naet om by my to
"kommen; want sokken heárt it kening-
"ryk fen di himelen."

15 Ind do hy hjar di hannen oplein hie' gong hy dær fen dinne.

16 Ind hen, dær kaem fén ta him ind sei, "Goede master, hwat goed mat ik
"dwaen om it îwige libben to winnen?"

17 Ind Jesus sei, "Hwat fréagesthou
"my nei it goede? Ien is alinne goed,

18 "Mar wolsthou ta it libben yn-
"géan, hâld di geboden." Hy sei tsjin him, "Hokker?" Ind Jesus sei, "Sa
"as, Dou scilste naet déaslaen. Dou
"scilste nin oerhoer dwaen. Dou scilste
"naet stelle. Dou scilste nin falsce
"tugenisse jaen.

19 "Earje dyn heit ind mem, ind,
"Dou scilste dyn ewenminsce ljéaf-
"habbe as dy selfme."

20 Di jongfeint sei tsjin him, "Dat "haw ik allegeárre fen berns oaf "hâlden. Hwær sjit ik noch yn to "koárt?"

21 Jesus sei tsjin him, "Asthou fol- "mekke wæze wolste, géan hinne, for- "kóapje dyn habben ind dwaen ind jouw "it oan di éarmen. Sa sciltsthou ien "scat yn di himelen hawwe. Ind den "kom hjir, folgje my."

22 Mar di jongfeint dat wird héar- rende gong mismoedich wei; want hy hie' bulten jild ind guód.

23 Do sei Jesus tsjin syn léarlingen, "Siker sonk sizz' ik jimme, it is slim "foár ien rike om it keningryk fen di "himelen yn to kommen.

24 "Noch ris sizz' ik jimme, it is ien "kamiel maklikker throch it éach fen "ien nidle to géan as ien rike yn it "keningryk fen di himelen."

25 Syn léarlingen dat heárende wierne wakker ontdien sizzende, "Hwa "ken den bihâlden wirde?"

26 Jesus it éach nei hjar drâyende sei, "By minscen is soks oenmuwlk, mar "by God is alles muwlk."

27 Do naem Petrus it wird op ind

sei, "Hen, alles habbe wy forlitten ind
"jou folge. Ho scil it mei uws
"géan?"

28 Hwær Jesus hjar op sei, "Siker
"sonk sizz' ik jimme, dat jimme, dy my
"yn di herberthe folge binne, as di soan
"fen di minsce op di troon fen syn
"héarlikheid sit, jimme eák sitte scille
"op tolef tronen rjocht sprekkende oer
"di tolef stammen Israels.

29 "Ind alhwa broárren oaf sisters, oaf
"heit oaf mem, oaf wiif oaf bern, oaf
"lânen oaf huzen, om minentwille for-
"litten het, hy scil it duwbeld ind
"dwærs werkrye ind it ieuwige libben
"erfje.

30 "Folle fen di éarsten scille di
"læsten ind fen di læsten di éarsten
"wæze."

XX.

1 "IT keningryk fen di himelen is
"lyk ien huwsman, dy moárns-ier uwt-
"giet om ârbeiders yn syn wyngert to
"hieren.

2 "Do hy mei di ârbeiders oer fén

" denaerje deis iens wirden wier het hy
" hjar yn syn wyngert stjoerd.

3 "Ind om di thredde uwre uwt-
" géande séach hy oaren liddich op di
" merke stéan.

4 "Dizze sei hy allyk, 'Géan jimme
" eák mar nei di wyngert, ind sa hwat
" binlik is scil ik jimme jaen.' Dizze
" den gongen wei.

5 "Om di seisde ind njoggende uwre
" hinne wer uwtgéande die' er krekt-ind-
" allyk.

6 "Om di olfde uwre uwtgéande foan'
" hy dær noch oaren liddich stéan ind
" hy sei hjar, 'Hwat stéane jimme hjir
" di hiele dei liddich?'

7 "Hja seinen tsjin him, 'Omdat
" nimmen uws hiere woe'.' Hy sei,
" 'Géan jimme den eák nei di wyngert,
" ind hwat binlyk is scille jimme haw-
" we.'

8 "Do it joun wirden wier sei di
" héar fen di wyngert tsjin syn opsich-
" ter, 'Rop di ârbeiders ind jouw hjar it
" léan biginnende mei di læsten oan di
" éarsten ta.'

9 "Ind as dy fen di olfte uwre kamen
" krîgen hja íén denaerje.

10 "Ind as dy éarsten kamen, mien-
"den hja, dat hja méar krye scoenen,
"ind hja krîgen eák mar íén denaerje.
11 "Do hja it oannamen gnoárren
"hja tsjin di huwsman sizzende,
12 "'Dizze, dy læst kamen, wierne
"mar íén uwre oan it wirk, ind jy stelle
"hjar allyk mei uws, dy di læst ind di
"hjitte fen di dei drein hawwe.'
13 "Mar hy anderde ind sei tsjin íén
"fen hjar, 'Freun', ik doch dy nin
"onlyk. Bisthou naet iens mei my
"wirden oer íén denaerje?
14 "Nim dines ind géan dyn wei.'
15 "Dizze læste wol ik jaen lyk as
"dy. Stiet it my naet fry mei mines to
"dwaen as ik wol? Oaf is dyn éach
"tsjoed omdat ik goed bin?'
16 "Sa scille di læste di éarste ind
"di éarste di læste wæze. Want ien
"bulte binne noade ind ien byttsje
"uwtkard."
17 Jesus dærmei nei Jerusalem op-
géande naem di tolef léarlingen allinne
ind sei hjar onderweis,
18 "Hen, wy géane op nei Jerusalem,
"ind di soan fen di minsce scil oerlieu-
"were wirde oan di oerprêsters ind di

"scruftgeléarden; ind hja scille him ter
"déa' forwîze,
19 "Ind him oerjaen oan di heidenen
"om him di guwch oan to stekken ind
"to giseljen ind to krusigjen; dærnei
"scil hy op di thredde dei wer opstéan."
20 Do kaem di mem fen di soánnen
fen Zebedeus mei hjar soánnen by him
op it eánsicht foár him delfallende ind
hwat fen him forsiikjende.
21 Hy sei hjar, "Hwat wolsthou?"
Hja sei him, "Sizz', dat myn twa soán-
"nen yn jins keningryk næst jou sitte,
"di iene oan di rjochter-ind di oare oan
"di lofter-hân'."
22 Hwærop Jesus anderde ind sei,
"Jimme wite naet hwat jimme fréagje.
"Kenne jimme di tsjelk drinke dy ik
"drinke scil? Ind doapt wirde mei di
"doap dær ik mei doapt wirde?" Hja
seinen, "Dat kenne wy."
23 Ind hy sei tsjin hjar, "Myn tsjelk
"scille jimme wol drinke, ind mei di
"doap, dær ik mei doapt wird, scille
"jimme wol doapt wirde, mar oan myn
"rjochter-ind lofter-hân' to sitten, it
"stiet naet oan my om dat to jaen, mar
"hwa it fen myn heit talein is."

24 Di tsjiene nou dit heárende stiik it fen di twa broárren yn di krop.

25 Mar Jesus hjar by him roppende sei, "Jimme wite dat di oersten fen di "naesjes hjar bihéarskje ind dat di "gréaten macht oer hjar habbe.

26 "Sa mat it naet onder jimme "wæze. Mar sa hwa onder jimme gréat "wæze wol, dy wirde di thsjinner fen "jimme,

27 "Ind sa hwa onder jimme di "éarste wæze wol, wæze di feint fen "jimme,

28 "Lyk as di soan fen di minsce "naet komd is om bithsjinne to wirden, "mar om to thsjinjen ind syn libben "foár ien bulte ta ien lospriis to jaen."

29 Hja nou fen Jericho weigéande folgge him ien gréate fleet folk.

30 Ind hen, twa blinen, dy oan di wei sieten, heárende dat Jesus foárbygong, roapen mei kreft sizzende, "Haw mei-"lyen mei uws, heare, soane Davids;"

31 Mar it folk bikibbe hjar, dat hja stil wæze scoenen. Hja lykwol roapen to luwder sizzende, "Haw meilyen mei "uws, heare, soane Davids."

32 Ind Jesus stéan bljuwende roap

hjar ind sei, "Hwat wolle jimme dat
"ik jimme dwaen scil?"
33 Hja seinen, "Héare, dat uws
"éagen iepene wirde."
34 Jesus by it hert krige rekke hjar
éagen oan, ind anstons séagen hjar éagen
wer, ind hja folggen him.

XXI.

1 DO hja nou thichte by Jerusalem
wieren ind to Bethfage by di berch fen
di olîwen kamen, sa stjoerde Jesus twa
learlingen uwt sizzende tsjin hjar,
2 "Géan yn it dorp hjir tsjin oer
"jimme, ind jimme scille dadelik ien
"fæstboune ezelinne fine ind ien foale by
"hjar. Meitse dy los ind bring hjar by
"my.
3 "Ind as immen jimme dær hwette
"fen seit, sizz' den, dat di héar hjar
"nedich het; den scil hy hjar dadelik
"meijaen."
4 Dat is allegeárre bard, dat nei-
komme scoe' hwat fen di profeet spritsen
is sizzende,
5 "Sizze oan di dochter Sions, 'Hen,
"dyn kening komt séaftsinnich ridende

"op ien ezelinne mei ien foale, it jong
"fen ien jokbist.'"

6 Di léarlingen nou weigéande ind dwaende lyk as Jesus hjar hjitten hie',

7 Brochten di ezelinne mei hjar jong, ind hja leinen hjar kléan dærop ind hy gong er op sitten.

8 It méaste folk nou spraette hjar kléan oer di wei; oaren sneinen tuwken fen di beámmen ind struiden dy oer di wei.

9 Di scaren, dy Jesus foáruwt gongen ind folggen, roapen mei kreft sizzende, "Hosanna foár di soane Davids! Seine
"is hy dy komt yn di namme fen di
"heare! Hosanna yn di héachste hime-
"len!"

10 Do hy nou yn Jerusalem gong kaem di hiele sted yn opscodding sizzende, "Hwa is hy?"

11 Di scaren seinen den, "Dit is di pro-
"feet Jesus fen Nazareth yn Galilea."

12 Jeses dærop yn di timpel Goads géande dréau al it foltsen, dat yn di timpel forkoft ind koft, dær uwt, ind di tefels fen di jildwixlers smiet hy om ind di banken fen di douwemeltsers.

13 Eák sei hy tejin hjar, "Dær stiet

"scréaun, 'Myn huws scil ien huws fen
"gebed néamd wirde, ind jimme habbe
"dær ien roawershol fen makke.'"

14 Yn di timpel kamen eák di blinen ind biheinden ta him, ind hy genæsde hjar.

15 Di oerprêsters nou ind di scruftgeléarden sjænde di woenderstikken, dy hy dien hie', ind di bern roppende yn di timpel ind sizzende, "Hosanna foár di soane Davids!" namen it danich euwel,

16 Ind seinen tsjin him, "Heárre jou
"wol hwat dy sizze?" "Ja wol," sei hy tsjin hjar, "Habbe jimme naet læzen,
"'Uwt di muwle fen di lytse bern ind dy
"noch tate krye hesthou dy lof taret.'"

17 Dærmei hjar forlittende gong hy fen Jerusalem nei Bethania ta ind oernachtte dær.

18 Di oare moárns wer nei sted géande krîge hy hoenger.

19 Ind ien fîgebéam, dy allinne oan di wei stie', sjænde, gong hy er op ta ind hy foan' dær néat oan as loeter bledden. Mei fén sei hy hy tsjin him, "Fen dy
"komme nin frucht ta yn ieuwigheid," ind yn ien omsjæn forthoárre di fîgebéam.

20 Syn léarlingen dat sjænde stienen
forsteld ind seinen, "Ho is dy fîgebéam
"sa yn ien amery uwtdruid?"
21 Mar Jesus anderde ind sei hjar,
"Siker sonk sizz' ik jimme, as jimme
"geléauwe hienen ind naet twifelmoe-
"dich wierne, naet allinne dat mei di
"fîgebéam scoene jimme dwaen, mar eák
"as jimme tsjin dy berch séinen, 'Nim
"dy op ind smyt dy yn di séa,' it scoe'
"gebarre.
22 "Ind alles hwær jimme yn it ge-
"bed leauwende om freagje scille jimme
"krye."
23 Do Jesus yn di timpel gien wier,
kamen di oerprêsters ind di âldermannen
fen it folk by him wylst hy léarde, fréag-
jende, "Throch hwat macht dogge jou
"dizze dingen? Ind hwa het jou dy
"macht jown?"
24 Jesus anderde ind sei hjar, "Ik
"scil jimme eák 'ris ien wird fréagje;
"as jimme my dærop anderje, den scil
"ik jimme sizze, throch hwat macht ik
"dizze dingen doch.
25 "Di doap fen Joannes hwær is dy
"wei? Uwt di himel, oaf fen di min-
"scen?" Dær koaggen hja oér by hjar

selfs sizzende, "As wy anderje, uwt di "himel, den scil hy tsjin uws sizze, "'Hwærom habbe jimme him den naet "léauwd?'

26 "Sizze wy dærtsjin, 'uwt di min- "scen,' den binne wy éang foár it folk; "want dat hâldt Joannes allegeárre foár "ien profeet."

27 Ind yn andwird seinen hja tsjin Jesus, "Wy wite it naet." Hwærop hy eák tsjin hjár sei, "Den sizz' ik jimme "eák naet throch hwat macht ik dy "dingen doch.

28 "Hwat thinkt jimme? Ien man "hie' twa soánnen ind géande nei di "éarste sei hy, 'Soan, géan hinne ind "ârbeidje hjoed yn myn wyngert.'

29 "Mar dizze joech ten andert, 'Ik "wol naet,' mar him letter bikoárjende "gong er hinne.

30 "Dærop nei di oare géande sei hy "krekt-ind-allyk. Dizze nou anderde "ind sei, 'Ik jern, heare,' ind hy gong "naet. Hwa uwt dy beiden het it hjit- "ten fen syn heit dien?"

31 Hja seinen tsjin him, "Di éarste." Jesus sei tsjin hjar, "Siker sonk sizz' ik "jimme, dat di tolgærjers ind di huórren

"jimme foáruwtgéane yn it keningryk
"fen di himelen.

32 "Want Joannes is by jimme komd
"láns di wei fen di rjochtfirdigheit, ind
"jimme habbe him naet léaud, mar di
"tolgærjers ind di huórren hawwe him
"léaud, ind jimme dit sjænde hawwe
"jimme neyerhân naet bikeerd om him
"to léauwen.

33 "Heár noch ien oare likenis. Dær
"wier ien man, ien lânheárre, dy ien
"wyngert oanlein hie', dær hy ien stek
"om sette, ien druweperse yn dolde ind
"ien stins yn bouwde. Ind hy het him
"forhierd oan di boeren, ind reisgge do
"buwten lâns.

34 "Mar do it tsjin di tiid fen di
"rispinge roan het hy syn thsjinners noi
"di boeren stjoerd om syn diel fen di
"frucht yn to palmjen.

35 "Mar di boeren di thsjinners nim-
"mende hawwe di iene slein, di oare
"deyd ind ien oaren wer stjinnige.

36 "Noch 'ris stjoerde hy oare thsjin-
"ners méar yn tal as di éarste, ind hja
"hawwe dy krekt-ind-allyk dien.

37 "To læste stjoerde hy hjar syn
"soan sizzende, 'Foár myn soan scille
"hja hjar ontsjæn.'

38 "Mar di boeren di soan sjænde
"seinen yn hjar sel's, 'Dat is di erfnaem.
"Ala! lit uws him deaslaen, ind wy
"krye syn erfenisse onder uws.'
39 "Ind him nimmende smieten hja
"him uwt di wyngert ind deyden him.
40 "As nou di héar fen di wyngert
"komd is hwat scil hy di boeren dwaen?"
Hja seinen,
41 "Hy scil dy doagenetten ongene-
"dich fen kant holpje ind syn wyngert
"oan oare boeren forhiere, dy him syn
"fruchten op syn tiid opbringe scille."
42 Jesus sei' tsjin hjar, "Hawwe
"jimme néa yn di scruften læzen, 'Di
"stien, dy di boumasters âkard hawwe,
"dy is ta ien sluwtstien wirden. Dat is
"fen di héare dien ind it is nuwer yn
"uws éagen.'
43 "Dærom sizz' ik jimme, dat it
"keningryk Goads jimme ânimd wirde
"scil, ind dat it jown wirde scil oan ien
"folk, dat hjar fruchten draecht.
44 "Hwa op dizze stien falt spat yn
"stikken, mar op hwa di stien falt dy
"scil hja togruwzelje."
45 Dy oerprêsters nou ind Farisieu-
wen heárrende syn likenissen fielden dat
hy oer hjar spriik;

46 Mar howol hja him sochten machtich to wirden wierne hja éang foár it folk, dat him foár ien profeet hâldde.

XXII.

1 IND Jesus oan it wird kommende spriik al wer tsjin hjar yn likenissen sizzende;

2 "It keningryk fen di himelen ken "men forlykje by ien kening, dy ien "brulloft oanrjochtte foár syn soan,

3 "Ind hy stjoerde syn thsjinstboden "uwt om di noade gasten op to roppen ta "di brulloft, mar hja woenen naet komme.

4 "Noch 'ris stjoerde hy oare thsjinst-"boden nwt sizzende, 'Sizze oan di "noade lju', Hen, ik haw di mjiltiid "oanrjochte; myn oxen ind it mæst "guód is slachte, ind alles is kléar: kom "op by di brulloft.'

5 "Mar jinnigen sloegen dær nin acht "op ind gongen wei, di iene nei syn lân' "ind di oare nei syn keápenscip.

6 "Dy dær méar wierne hjar oer-"masterjende habbe hjar smaed oandien "ind deyd.

7 "Di kening dit heárrende waerd
"lilk ind het syn lyfwacht stjoerd, dy dy
"moárdners om libben brochten ind hjar
"pléats yn brân' stîken.

8 "Do sei hy tsjin syn boden, 'Di
"brulloft is kléar, mar dy noade binne
"wierne it naet wirdich;

9 "Géan den nei di kleauwégen ind
"sa hwa jimme fine needje hjar to brul-
"loft.'

10 "Ind di boden nei di kleauwégen
"uwtgéande hawwe elts, dy 't hja metten,
"tsjoeden ind goeden, by ienoár laet, sa
"dat di brullofttafel fol rekke mei gasten.

11 "Di kening binnen kommende om
"'ris op to nimmen hwa oan tafel sieten
"séach dær ien man,

12 "Dy nin brulloftskléan oan hie',
"ind hy sei tsjin him, 'Ho komsthou
"hjir sa, feint, sonder brulloftkléan?'

13 "Mar hy spriik nin sprek. Do
"sei di kening tsjin di tafelthsjinners,
"'Byn him hannen ind fuótten; nim
"him op ind smyt him yn di buwtenste
"thsjusternisse, dær gescriem is ind
"knarsinge fen di tosken.'

14 "Ien bulte binne noade, mar ien
"byttsje uwtkard."

15 Do gongen di Farisieuwen hinne
ind bileinen rie', ho hja him onder it
praten bistruwpe scoenen.
16 Hja stjoerden den hjar léarlingen
mei di Herodianen op him oaf sizzende,
"Wy wite, dat jou di wiere binne, ind
"di wei Goads yn wjirheid léare, ind om
"nimmen hwette jane. Want jou lette
"naet op di throánjes fen di minscen.
17 "Sizz' uws den, hwat thinkt jou?
"Matte men scot ind lot oan di keizer
"jaen oaf net?"
18 Mar Jesus hjar ondoagensheid
witende sei tsjin hjar, "Hwærom tantje
"jimme my, scynhilligen?
19 "Lit my ien scatpeinje sjæn."
Hja nou brochten him ien denaerje, ind
hy sei tsjin hjar,
20 "Fen hwa is dat it kopstik ind it
"læzen?"
21 "Fen di keizer," seinen hja. Do
sei hy hjar, "Jouw den oan di keizer
"hwat di keizer-sines is, ind oan God
"hwat God-sines is."
22 Hja nou dit heárrende séagen
freámd op, ind fen him âhâldende gongen
hja wei.
23 Om dy sel'de tiid hinne kamen by

him di Sadducieuwen, dy sizze dat dær nin forrîzenis is, ind hja hawwe him fréage sizzende,

24 "Master, Mozes het sein, as immen "sonder bern stjeárt mat syn broar syn "wiif hylkje ind him sied tariede.

25 "Nou binne dær by uwzes sawn "broárren, ind di âldste, ien trouwd "man, is stoarn, ind nin sied hawwende "het hy syn wiif neilitten oan syn broar.

26 "Sa eák di twade ind di thredde "oan di sawnde ta.

27 "It læst fen allen is it wiif eák "stoarn.

28 "Yn di forrîzenis nou oan hwa fen "dizze sawn scil it wiif heárre? Want "hja hylkten hjar allegeárre."

29 Mar Jesus anderde ind sei hjar, "Jimme binne forbjustere, omdat jimme "allike min di scruften as di macht "Goads bigripe.

30 "Want yn di forrîzenis wiifje hja "naet ind hylkje nin wiif uwt, mar "binne lyk as ingels fen God yn di "himel.

31 "Hawwe jimme naet læzen, hwat "fen God sein is oer di forrîzenis uwt di "déaden sprekkende,

32 "'Ik bin di God Abrahams, ind
"di God Izaäks, ind di God Jacobs.'
"God nou is nin God fen déaden mar fen
"libbenen."
33 Do di scaren nou dit heárden
stienen hja forsteld oer syn léare.
34 Di Farisieuwen nou heárrende, dat
hy di Sadducieuwen di muwle snuórre
hie', kamen by ienóar:
35 Ind íén fen hjar, ien wetgelearde,
fréagge him tantjende ind sizzende,
36 "Master, hwat is it gréatste gebod
"yn di wet?"
37 Jesus nou sei tsjin him, "Dou
"scilste God ljéaf hawwe mei hiel dyn
"hert, ind mei hiel dyn siele, ind mei
"hiel dyn forstân'.
38 "Dat is it gréate ind éarste gebod.
"It twade, dæroan allyk, is,
39 "'Dou scilste dyn ewenminsce
"léafhabbe lyk as dy selme.'
40 "Oan dy twa geboden hinget di
"hiele wet ind di profeten."
41 Do di Farisieuwen ien géarkomste
hienen fréagge Jesus hjar sizzende,
42 "Hwat thinkt jimme oer di Chris-
"tus? Hwaens soans is hy?" "Fen
"David," seinen hja.

43 "Mar ho," sei Jesus, néamt David
"him den yn di gaest syn héar, sizzende,
44 "'Di héare het tsjin myn héar
"sein, Sit oan myn rjochterhân' ont ik
"dyn finen onder dyn fúotten set.'
45 "As nou David him héar néamt,
"ho ken hy den syn soan wæze?"
46 Ind nimmen koe' him ien wird
anderje; dær wier eák naet ien, dy him
fen dy dei oaf dit oaf dat fréagje doárste.

XXIII.

1 DO het Jesus tsjin di scaren ind
sine léarlingen spritsen sizzende,
2 "Di scruftgeléarden ind di Farisieu-
"wen sitte op di stoel fen Mozes:
3 "Alles nou, hwat hja jimme sizze,
"doch ind hâld dat, mar doch naet nei
"hjar wirken; want hja sizze, ind dogge
"it naet.
4 "Hja knoatje swiere frachten, dy
"hast net to thillen binne, by ienóar,
"ind pakke dy op di scouders fen di
"minscen, mar selfs wolle hja dy naet
"mei di finger forwege.
5 "Hja dogge al hjar dwaen om fen
"di minscen sjoen to wirden; want hja

"forbreedje hjar knoffeldoáskes ind for-
"gréatje di stemsen fen hjar kléan.
6 "Op di gastmjillen hawwe hja jern
"it forneamste plak oan tafel ind yn di
"synagogen di stuóllen fen éare;
7 "Sa eák op di merken it groetjen
"ind om fen di minscen mei Rabbi,
"Rabbi, oanspritsen to wirden.
8 "Mar lit jimme jimme nin Rabbi
"néame; want íén is jimme léarmaster,
"di Christus, ind jimme binne allegeárre
"bruórren.
9 "Néam eák nimmen op ierde heit,
"want íén is jimme himelsce heit.
10 "Lit jimme eák nin léarmasters
"néame; want íén is jimme léarmaster,
"di Christus.
11 "Di héachste onder jimme mat
"jimme thsjinner wæze.
12 "Sa hwa him selma forhéaget dy
"scil delthreaun wirde, ind dy him plat
"deljouwt dy scil forhéage wirde.
13 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen! jimme slute
"it keningryk fen di himelen foár di
"minscen: want jimme géane dær naet
"yn, ind hwa yngéan wolle dy kere
"jimme it yngéan.

14 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen! jimme ite di
"huwzen fen di widdouwen op, ind dat
"onder di moaye scyn fen lang bidden;
"dærom scille jimme ien swierder oardiel
"krye.

15 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen! jimme bis-
"walkje séa ind lân' om íén bikéarling
"to meitsen, ind as hy it wirden is
"meitse jimme him ta ien soan fen di
"geënna twaris thsjoeder as jimme selma.

16 "Wé jimme bline liedslju', dy
"sizze, sa hwa by di timpel swart dat is
"néat, mae sa hwa by it goud fen di
"timpel swart dy is dær oan boun.

17 "Jimme gekken ind blinen! hwat
"is méar? It goud as di timpel, dy it
"goud hillicht?

18 "Ind sa hwa swart by it alter dat
"is néat, mar sa hwa swart by di jefte
"dy er op is, is er oan boun.

19 "Gekken ind blinen! hwat is
"méar, di jefte as it alter, dat di jefte
"hillicht?

20 "Dy ommers swart by it alter,
"swart dær by ind by alles, hwat dær
"op leit.

21 "Ind hwa swart by di timpel,
"swart dær by ind by him, dy er yn
"wennet.
22 "Ind hwa swart by di himel,
"swart by di troon Goads ind by him,
"dy er op sit.
23 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen! di tsjienden
"bringe jimme op fen di kruesminte, ind
"fen di anys, ind fen di kommyn, ind it
"swierste fen di wet litte jimme stéan,
"lyk ind rjocht, ind barmhertigheid ind
"op it wird oaf. Dizze dingen matte
"men dwaen ind di oare naet neilitte.
24 "Bline liedslju', dy di mich er uwt
"tjemsje ind it kamiel throchswolgje!
25 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen, dy it buwtenste
"fen di tsjelk ind di itenspanne âspiele,
"mar ynwindich sitte hja stiif fol fen
"ynklouwigheid ind béalgery.
26 "Bline Farisieu! spiel éarst di
"tsjelk ind di itenspanne fen binnen
"scjin, dat éak it buwtenste dær fen
"scjin wirdt.
27 "Wé jimme scynhillige scruftge-
"léarden ind Farisieuwen! jimme binne
"allyk hwytkalke græwen, dy fen buw-

" ten gnap lykje, mar ynwindich fol sitte
" fen djæ'bonken ind alderleye oenhuri-
" gens.

28 " Sa eák lykje jimme fen buwten
" foár di minscen oprjocht, mar ynwin-
" dich sitte jimme stiif fol fen scynhilli-
" gheid ind oenrjocht.

29 " Wé jimme scynhillige scruftge-
" léarden ind Farisieuwen! jimme bouwje
" di græwen fen di profeten op ind bi-
" pronkje di tomben fen di rjochtfirdi-
" gen.

30 " Eák sizze jimme, ' Hiene wy yn
" di tîden fen uws afféars libbe wy scoene
" oan it bloed fen di profeten nin diel
" hawn hawwe.'

31 " Sa getuwgje jimme oer jimme
" selfs, dat jimme soánnen binne fen di
" profete-moárdners,

32 " Ind jimme hawwe di mjitte fen
" jimme afféars strikende fold.

33 " Slangen! brod fen njirren! ho
" scille jimme it óardiel fen di geënna
" ontrinne?

34 " Dærom, hen, stjoer ik profeten
" ind wîzen ind scruftgeléarden nei jim-
" me, ind uwt dizze scille jimme hwat
" deye ind krusigje, ind hwat uwt dizze

"yn jimme synagogen giselje ind fen
"sted ta sted forfolgje:
35 "Sadat op jimme al it rjochtfir-
"dige bloed komt, dat op ierde uwtget-
"ten is fen it bloed fen di rjochtfirdige
"Abel oaf oan it bloed fen Zacharias, di
"soan fen Barachia, ta, dy jimme for-
"moárde hawwe twiske di timpel ind it
"alter.
36 "Siker sonk sizz ik jimme, dat
"alles scil op dit slachte delkomme.
37 "Jerusalem, Jerusalem; dat di
"profeten deit ind di boden ta hjar
"stjoerd stjinnicht; ho jamk haw ik dyn
"bern by ienoár dreaun lyk ien hin
"hjar piken onder di wjukken by ienoár
"drjouwt, ind jimme hawwe naet wold.
38 "Hen, jimme wenpléats wirdt jim-
"me as ien woastenye oerlitten.
39 "Want ik sizz' jimme, jimme scille
"my naet wersjæn eár 't jimme sizze,
"'Seine is hy dy komt yn di namme des
"hearen.'"

XXIV.

1 JESUS nou uwt di timpel géande
téach wei, ind syn léarlingen kamen by

him om him di gebouwen fen di timpel to wîzen.

2 Mar hy anderde ind sei, "Sjæne "jimme dat alles? Siker sonk sizz' ik "jimme, hjir scil nin stien op ien stien "litten wirde, dy naet âbritsen wirdt."

3 Do er nou op di berch fen di olîwen sitten gien wier kamen syn léarlingen, him onder hjarren sizzende, "Léar uws "honeer dat wæze scil."

4 Ind Jesus anderjende sei hjar, "Sjæn ta dat nimmen jimme op ien "dwylpaed bringt:

5 "Want ien bulte scille dær komme "yn myn namme sizzende, 'Ik bin di "Christus,' ind hja scille mannichien "forliede.

6 "Eák scille jimme hjerre fen oar-"loggen ind geruchten fen oarloch: pas "op, dat jimme den naet forbouwereárje.

7 "Want it mat alles gebarre, mar it "ein' is dær den noch naet. Want folk "tsjin folk ind keningryk tsjin kening-"ryk scil opstéan, ind dær scille honger-"sneden ind pesten ind ierdscoddingen "fen plak ta plak wæze.

8 "Dat alles is mar ien bigin fen di "fléagen.

9 "Den scille hja jimme oerjaen oan
"di fordrukking ind jimme deye, ind
"om my scille jimme di haet fen alle
"naesjes wæze.

10 "Ind oan dy wéën scille hjar den
"ien bulte stjitte, ind hja scille eltsoár
"forriede ind eltsoár haetje.

11 "Ind dær scille folle falsce pro-
"feten opstéan ind dy scille folle for-
"liede.

12 "Ind throch it foártsterkjen fen di
"oenrjochtigheid scil di léafde ien bulte
"bikuólje:

13 "Mar hwa folhâldt it ein ta uwt
"dy scil bihâlden bljouwe.

14 "Dærom scil dizze blîde boádscip
"fen it keningryk forkindicht wirde oer
"di wîde bewenne wrâld ta ien getuge-
"nisse foár alle naesjes, ind den scil it
"ein' komme.

15 "As jimme den sjæne it forspysel
"fen di forwoastinge stéande yn di
"hillige pléats, sa as it sein is throch di
"profeet Daniel (hwa it læst dy thinke
"dær om),

16 "Dat di minscen yn Judea den
"flechtje nei di bergen;

17 "Lit hy, dy boppe op it huws is,

" naet delkomme om it guód uwt it huws
" to heljen,
18 " Ind lit hy, dy yn it lân is, naet
" nei huws géan om syn kléan to heljen.
19 " Wé hjar, dy jongwiif binne ind dy
" tate jane, yn dy dagen!
20 " Bidt dat jimme flecht naet treft
" yn di winter oaf op ien sabbathdei.
21 " Want den komt dær ien gréate
" fordrukking sa as dær fen it bigin fen di
" wrâld oan-t-nou-ta noch néa ien wæst
" is, ind dær eák naet ien komme scil.
22 " Ind as dy dagen naet ynkoárt
" waerden scoe' nin inkel minsce bihâl-
" den bljouwe; mar dy dagen scille om
" di uwtkarden ynkoárt wirde.
23 " As den immen tsjin jimme seit,
" 'Sjoch, dær is di Christus oaf dær is
" hy,' leau it naet.
24 " Want dær scille ljeagen-Christus-
" sen ind ljéagenprofeten opstéan, ind
" hja scille gréate teikens ind woenderen
" fen hjar jaen, sa dat di uwtkarde selma,
" as it muwlk wier, fen it paed reitse
" scoenen.
25 " Hen, ik haw it jimme foáruwt
" sein.
26 " As hja den tsjin jimme sizze,

"'Sjoch, yn di woastine is hy;' géan
"dær net op uwt. 'Sjoch, yn di binne-
"kéamers,' leau it naet.

27 "Lyk as ommers di blaxom fen it
"éasten uwtsjit ind ljochtet ta it westen,
"sa scil eák di forsciningе fen di soan
"fen di minsce wæze.

28 "Hwærsanne it déade lyk is dær
"scille di éarnen boskje.

29 "Dadelik nei di fordrukkinge fen
"dy dagen scil di sinne taenje, ind di
"moánne scil bjar scynsel naet mear
"jaen, ind di stjerren scille fen di himel
"falle, ind di machten fen di himelen
"scille wriggele wirde.

30 "Ind den scil it teiken fen di soan
"fen di minsce oan di himel rîze, ind
"den scille alle slachten fen di ierde
"krite, ind hja scille di soan fen di
"minsce sjæn kommende op di wolken
"fen di himel mei macht ind folle héar-
"likheid.

31 "Ind hy scil syn ingels uwtstjoere
"mei ien bazune fen ien swîden hlonte,
"ind hja scille syn uwtkarden uwt di
"fjouwer wynstreken fen it iene uwtein
"fen di himelen ta it oare by eltsoar
"bringe.

32 "Léar nou fen di fîgebéam ien
"likenisse. As syn tuwke wéak wirdt
"ind di bledden uwtbotje, wyt dat di
"simmer den yn oantochte is.
33 "Sa eák jimme, as jimme al dy
"dingen sjæne, wyt den dat hy thichte
"foár di doar is.
34 "Siker sonk sizz' ik jimme, dit
"slachte scil naet foárbygéan oaf al dy
"dingen scille bard wæze.
35 "Himel ind ierde scille foárbygéan,
"mar myn wirden scille naet foárby-
"géan.
36 "Fen dy dei ind uwre wit nimmen
"naet, eák di ingels fen di himelen
"naet, as myn heit allinne.
37 "Allyk di dagen fen Noach wierne
"sa is eák di forscininge fen di soan fen
"di minsce:
38 "Want lyk as hja yn di dagen fen
"di oerfloed itende ind drinkende wierne,
"hylkjende ind uwthylkjende, oan di
"dei ta dat Noaeh yn it gréate scip
"gong,
39 "Ind hja it naet wisten foár dat
"di oerfloed kaem ind hjar allegeárre
"weinaem, sa scil di forscininge fen di
"soan fen di minsce wæze.

40 "Den scille dær twa op it lán'
"wæze, di iene scille men weifiere ind
"di oare scille men fry litte:
41 "Twa thsjinstfammen yn di hân-
"mounle wæze; di iene scille men finsen
"weifiere ind di oare fry géan litte.
42 "Weitse den, want jimme wite
"naet op hwat dei jimme héar komme
"scil.
43 "Mar dat mierkje oan, dat as di
"huwzman witen hie' om hwat tiid fen
"di nacht di tsjéaf kaem, hy den op-
"bleaun wier ind him it huws naet
"ynbrekke litten hie'.
44 "Dærom hâld jimme kléar; want
"op ien uwre, dat jimme naet thinke,
"scil di soan fen di minsce komme.
45 "Hwa is nou di trouwe ind be-
"toewde thsjinstbode, dy di héar oer syn
"huwshâlding oansteld het om it folk
"iten op syn tiid to jaen?
46 "Gelokkich di thsjinstbode, dy
"syn héar, as hy komt, sa dwaende
"oantreffe scil.
47 "Siker sonk sizz' ik jimme, dat
"hy him oer al syn habben ind dwaen
"oanstelle scil.
48 "Is it dærtsjin ien minne thsjinst-

" bode, dy yn syn hert seit, 'Myn héar
" stelt syn komste noch wol hwat uwt,'
49 "Ind dy di oare feinten begint to
" bruyen, boppe dat noch yt ind drinkt
" mei dronken folk:
50 "Di héar fen dy thsjinstbode scil
" komme op ien dei, dat hy him naet
" forwachtet ind op ien uwre dær hy
" net fen wit.
51 "Ind hy scil him âsnye ind syn
" diel sette onder di scynhilligen; dær
" scil it gescriem wæze ind it toskge-
" knars."

XXV.

1 "DEN scil it keningryk fen di
" himelen forlike wirde by tsjien fammen,
" dy hjar lampen opnimme ind uwtgéane
" di brægeman to mjitte.
2 "Fiif uwt hjar wierne oenwîzen ind
" fiif wîzen:
3 "Di oenwîzen hjar lampen nim-
" mende namen nin oalje mei hjar,
4 "Mar di wîzen namen mei hjar
" lampen eák oalje yn di snippen.
5 "Mar di brægeman hwette lang
" uwtbljouwende bigoanen hja sluwch to
" wirden ind foelen yn sliep.

6 "Mar om middennacht kaem dær
"ien gerop, 'Loake, di brægeman!
"Géan uwt him to mjitte.'
7 "Do stienen al dy fammen op ind
"makken hjar lampen kléar.
8 "Mar di oenwîzen seinen tsjin di
"wîzen, 'jouw uws fen jimme oalje,
"want uws lampen géane uwt.'
9 "Di wîzen lykwol anderden siz-
"zende, 'Bilîwen naet; dær scoe' foár
"jimme ind foár uws naet genoach
"wæze. Géan ljewwer nei di oáljesliters
"ind kéapje jimme.'
10 "Wylst hja wei wierne om hwette
"to kéapjen kaem di brægeman; ind di
"fammen, dy kléar wierne, gongen mei
"him to brulloft, ind di doar waerd
"sletten.
11 "Hwat letter kamen eák di oare
"fammen sizzende, 'Héare, héare, doch
"uws iepen.'
12 "Mar dizze anderjende sei, 'Siker
"sonk sizz' ik jimme; ik ken jimme
"naet.'
13 "Weitse den, omdat jimme di dei
"ind eák di uwre naet wite, dær di soan
"fen di minsce yn komt.
14 "It is eák lyk as ien man dy nei

" buwtenlâns drîigjende syn eigen thsjin-
" ners by ienoár roap ind hjar syn habben
" ind dwaen oerdroech;

15 "Ind oan di iene joech hy fiif
" talinten, oan ien oare twa, ind oan ien
" thredde ién, elts nei hy mansk wier,
" ind foárt dæroan téach hy buwten
" lâns.

16 "Dy fiif talinten krigge gong
" hinne ind ârbeidde dær mei, ind
" makke dær noch fiif oare talinten by.

17 "Sa eák dy twa krigge woan dær
" noch twa oare by.

18 "Mar dy íén krigge gong hinne
" ind bidobbe it yn di groun' ind stoppe
" it jild fen syn héar wei.

19 "Ien bulte tiid dærnei kaem di
" héar fen di thsjinners ind rekkenne
" mei hjar oaf.

20 "Ind dy fiif talinten ontfinzen hie'
" di oare fiif meibringende kaem by him
" ind sei, 'Heare, fiif talinten hawwe jy
" my jown; hen, ik haw er fiif by woun.'

21 "Di héar sei tsjin him, 'Bæst, dou
" thige ind trouwe feint! Oer ien
" byttsje wierste trou, oer ien bulte scil
" ik dy stelle. Géan yn di wille fen dyn
" héar.'

22 "Do kaem dy mei syn twa talinten
"ind sei, 'Héar, twa talinten hawwe jy
"my tatroud; hen, twa oare talinten
"haw ik oerwoun.'

23 "'Bæst, dou thige ind trouwe
"feint,' sei di héar tsjin him, 'Oer ien
"byttsje wiersthou trou, oer folle scil ik
"dy sette. Géan yn di wille fen dyn
"héar.'

24 "Do kaem di feint, dy íén talint
"krigge, eák ind sei, 'Héar, ik wiste dat
"jy ien straf man wierne, dy méane
"wol dær hy naet sjidde het ind ynhelje
"hwær hy nin kerl struid het;

25 "Ind sa bin ik uwt bangens hinne
"gien ind hab jins talint yn di groun'
"bidobbe.

26 "Hen, dær hawwe jy jins.' Mar
"di héar anderde him ind sei, 'Ondoa-
"gensce ind loaye feint! dou wiste dat
"ik méan hwær ik naet sjidde, ind dat
"ik ynhelje hwær ik naet uwtstruid
"hab.

27 "Dærom just moáste myn jild op
"di wixelbanken set hawwe, ind den
"scoe' ik komd ind it mine mei di
"bledden werom krige hawwe.

28 "Sa nim him den it talint oaf ind

"jouw it oan him, dy di tsjien talinten
"het.

29. "Want oan elts, dy het, scil jown
"wirde, ind hy scil folop hawwe; mar
"hwa néat het, him scil ontnomd wirde
"eák hwat hy het.

30 "Dærom drjouw di oennutte
"thsjinner yn di buwtenste thsjuster-
"nisse; dær scil it gescriem wæze ind it
"toskgeknars.

31 "As di soan fen di minsce komd
"is yn syn héarlikheid ind al di hillige
"ingels mei him, den scil hy sitte op di
"troon fen syn héarlikheid.

32 "Ind alle naesjes fen di ierde
"scille foár him by íén komme, ind hy
"scil hjar fen eltsoár sciede lyk as ien
"harder di scjippen sciedt fen di bokken.

33 "Ind hy scil di scjippen scikke
"oan syn rjochterhân' ind di bokken oan
"syn lofter.

34 "Den scil di kening, di oan syn
"rjochterhán' stéane, sizze, 'Kom hjir
"seinen fen myn heit; erfje it keningryk
"dat jimme fen di grounlizzinge fen di
"wrâld tatocht is.

35 "Want ik hie' hoenger, ind jimme
"hawwe my to iten jown; ik hie' thoarst,

"ind jimme hawwe my drinke litten; ik
"wier ien freámdling, ind jimme hawwe
"my opnomd;

36 "Neaken', ind jimme hawwe my
"klâyd; ik wier siik, ind jimme hawwe
"op my tasjoen; ik siet finzen, ind
"jimme hawwe my forsocht.'

37 "Den scille di rjochtfirdigen him
"anderje sizzende, 'Honeer séagen wy
"jou hoengerjen, ind joegen jou iten;
"oaf thoarstich, ind joegen jou drinken?

38 "Honeer dochs séagen wy jou as
"freámdling, ind namen jou op? Oaf
"néaken, ind klâyden jou?

39 "Honeer dochs séagen wy jou siik
"oaf yn di finsenisse, ind hawwe jou
"forsîke?'

40 "Hwærop hjar di kening ander-
"jende sizze scil, 'Siker sonk sizz' ik
"jimme, sa hwat jimme dien hawwe oan
"fén fen dizze myn lytste broárren, dat
"habbe jimme my dien.'

41 "Den scil hy sizze tsjin dy oan
"syn lofterhân', 'Scéar jimme fen my
"forflokten yn it ieuwige fjoer, dat
"foár di dîwel ind syn gesanten oanlein
"is.

42 "Want ik wier hongerich, ind

"jimme hawwe my naet to iten jown.
"Ik hie' thoarst, ind jimme hawwe my
"net drinke litten.

43 "Ik wier ien freámdling, ind
"jimme hawwe my naet ondernomd;
"néaken', ind jimme hawwe my naet
"klâyd; siik' ind yn di finzenisse, ind
"jimme hawwe naet nei my omsjoen.'

44 "Den scille dy him eák anderje
"ind sizze, 'Héare, honeer hawwe wy
"jou hongerich oaf thoarstich sjoen, oaf
"as ien freámdling, oaf néaken', oaf siik,
"oaf yn di finsenisse, ind hawwe jou
"naet bithsjinne?'

45 "Den scil hy hjar anderje ind
"sizze, 'Siker sonk sizz' ik jimme, hwat
"jimme oan íén fen dizze alderlytsten
"naet dien hawwe, dat hawwe jimme my
"naet dien'.

46 "Dizze nou scille géan yn di
"ieuwige straffen, mar di rjochtfirdigen
"yn it ieuwige libben."

XXVI.

1 IND it barde as Jesus alle dizze
redenen ten ein' hie', dat hy tsjin sin
léarlingen sei,

2 "Jimme wite dat it mei twa dagen
"péaske is, ind dat di soan fen di
"minsce oérlieuwere wirde scil om kru-
"sige to wirden."
3 Do binne di haedprêsters ind di
scruftgeléarden ind di- âldermannen fen
it folk yn it slot fen di héageprêster, mei
namme Cajaphas, by ienoár komd,
4 Ind hawwe oerlein ho hja Jesus mei
list bisette ind deye koenen;
5 Mar hja seinen, "Naet op di hach-
"stiid; oars komt er oproar onder it folk."
6 Jesus to Bethania wæzende yn it
huws fen Simon, di melaetsce,
7 Kaem dær eák ien frommisce mei
ien albaster flæze fol djoere balsemoalje,
dy 't hja op syn holle uwtgéat wylst hy
oan di mjiltiid siet.
8 Syn léarlingen nou dat sjænde
namen it euwel sizzende, "Hwærta dat
"fordwaen?
9 "Dat koe'ommers foár ien bulte
"forkoft ind oan di éarmen jown wæze."
10 Jesus it mierkende sei tsjin hjar,
"Hwærom dogge jimme it minsce læst
"oan?. Hja het ommers ien goed wirk
"oan my dien.
11 "Di éarmen habbe jimme ommers

"altiten om jimme hinne, mar my hawwe
"jimme net altiden by jimme.
12 "Want dizze balsemoalje oer myn
"licham uwtjittende het hja it dien ta
"myn begraffenis.
13 "Siker sonk sizz' ik jimme, hwær
"dizze blîde boátscip fen my omroppen
"wirde scil oer di wîde wrâld, dær scil
"eák ta hjar gedachtenisse sein wirde,
"hwat hja oan my dien het."
14 Ien fen di tolef, mei namme Judas
Iscariot, dærop géande nei di haed-
prêsters sei,
15 "Hwat wolle jimme my jaen den
"scil ik him jimme oerlieuwerje?" Hja
nou béanen him thritich sulwerlingen,
16 Ind fen dy uwre oaf loerde hy op
di gelegenheid om him oer to lieuwerjen.
17 Op di éarste dei fen di oenriisde
boalen kamen di léarlingen ind seinen
tsjin Jesus, "Hwære wolle jy dat wy
"tarieding foár jou meitse om it péask-
"miel to iten?"
18 Hy nou sei, "Géan yn di sted nei
"dy ind dy man ta, ind sizz' tsjin him,
"Di master seit, 'It is thichte oan myn
"tiid; by dy scil ik mei myn léarlingen
"péaske hâlde.'"

19 Ind di léarlingen dienen lyk as Jesus hjar hjitten hie' ind makken it péaske kléar.

20 Do it nou joun wirden wier lâi hy mei di toalwe oan tefel

21 Ind onder it iten sei hy, "Siker "sonk sizz' ik jimme, dat íén fen jimme "my forriede scil."

22 Hja dærop wakker rekke bigoanen him di iene nei di oare to fréagjen, "Bin "ik it den, héare?"

23 Hy den anderde ind sei, "Hwa di "hân mei my yn di panne stipt, dy scil "my forriede.

24 "Di soan fen di minsce giet wei "lyk as fen him screaun stiet, mar wé "dy minsce, throch hwa di soan fen di "minsce forret wirdt. It wier dy minsce "goed as hy néa berne wier."

25 Judas nou, dy him forrette, it wird opnimmende sei, "Bin ik it den, rabbi?" Hy sei tsjin him, "Dou heste it sein."

26 Wylst hja noch ieten naem Jesus ien stik boale, ind do hy it seine hie' briik hy it ind joech it oan di léarlingen ind sei, "Nim, yt. Dit is myn licham."

27 Eák naem hy di tsjelk, ind do hy thanke hie' brocht hy hjar dy ta sizzende, "Drink allegeárre dære uwt.

28 "Dat is myn bloed fen it nye "forboun, dat foár ien bulte uwtgetten "wirdt ta forjouwinge fen suwnen.

29 "Mar ik sizz' jimme, dat ik fen "nou oan fen dizze frucht fen di dru- "webéam net drink foár dy dei, dat ik "dy ny drink yn myn heit syn kening- "ryk."

30 Do hja ien loflied songen hiene gongen hja uwt nei di berch fen di olîwen.

31 Dær sei Jesus tsjin hjar, "Dizze "nacht scille jimme allegeárre oer my "stroffelje: dær stiet ommers screaun, "'Ik scil di harder déa'slaen, ind di "scjippen fen di keppel scille uwt eltsoár "spatte.

32 "Mar nei myn opstéan scil ik "jimme foáruwtgéan nei Galilea.'"

33 Mar Petrus it wird nimmende sei tsjin him, "As hja hjar allegeárre oan "jou stjitte scil ik my noch net oan jou "stjitte."

34 Jesus sei tsjin him, "Siker sonk "sizz' ik dy, yn dizze eigenste nacht,

"foár dat di hoánne thryeris kraeid
"het, scilsthou my thryeris forsaekt
"hawwe."

35 Petrus sei tsjin him, "Al moast ik
"mei jou steárre noch scoe' ik jou naet
"forsaekje." Sa sprîken eák al dy léar-
lingen.

36 Do kaem Jesus mei hjar op ien
pléats mei namme Gethsemane, ind sei
tsjin di léarlingen, "Géan hjir sitten ta
"ik hinne gien bin ind bidden haw."

37 Ind Petrus ind di twa soánnen fen
Zebedeus mei him nimmende bigoan hy
droawich ind boárstend binouwd to-
wirden.

38 Do sei hy tsjin hjar, "Myn siele is
"oerdroawich ter déad ta. Toafje hjir
"ind weitse mei my."

39 Ind ien bytke foáruwt géande foel
hy op it eánsicht biddende ind sizzende,
"Myn heit, as 't wæze mei, lit dizze
"tsjelk my foárbygéan. Mar naet as ik
"wol, mar lyk asthou wolste."

40 Do kaem hy by di léarlingen ind
foan' hjar sliepende, ind hy sei tsjin
Petrus, "Sa kenne jimme den naet íén
"inkel uwre mei my weitse?

41 "Weitse ind bidt, dat jimme naet

"yn forsîking reitse. Di gaest is wol
"willich, mar it flæsk is swak'."

42 Foár di twade keer gong hy wer wei ind béa' sizzende, "Myn heit, as "dizze tsjelk fen my naet foárbygean "mei oaf ik mat him drinke, den sciede "dyn wollen."

43 Ind kommende foan' hy hjar alwer sliepende; want hjar éagen wierne mei sluwgens biswiere.

44 Ind hjar forlittende gong hy wer wei ind bea' foár di thredde reis sizzende diselfde wirden.

45 Do kaem hy by syn léarlingen ind sei, "Sliep nou mar foárt ind ræstje "uwt. Hen, it is thichte oan di uwre, "ind di soan fen di minsce wirdt oer-"lieuwere yn di hannen fen di suwners.

46 "Weitse op, lit uws géan; hen, hy "is neiby, dy my forriedt."

47 Wylst hy nou noch spriik, hen, kaem Judas, íén fen di tolef, ind ien gréate binde mei him, mei swirden ind kneppels, fen di haedprêsters ind di âldermannen fen it folk.

48 Mar hy, dy him forrette, hie' hjar ien teiken opjown sizzende, "Hwa ik "patje scil dy is it. Gryp him."

49 Ind mei ienen op Jesus tagéande sei hy, "Goeden joun, rabbi!" ind hy patte him.

50 Mar Jesus sei tsjin him, "Feint, "hwat dochsthou hjir?" Do tatreddende sloegen hja di hannen oan Jesus ind knewelden him.

51 Ind hen, íén fen Jesus lju' syn hân uwtstekkende lôek it swird, ind slaende nei di thsjinner fen di haedprêster houwde him it éar oaf.

52 Do sei Jesus tsjin him, "Stek dyn "swird wer op syn pléats; want dy it "swird lûke forgéane throch it swird.

53 "Oaf thinksthou, dat ik myn heit "nou naet bidde ken, ind hy scil my "méar as tolef legioenen ingels bysette?

54 "Ho scoene oars di scruften, dat "it sa barre moast, neikomme?"

55 Yn dy uwre sei Jesus eák tsjin di binde, "Lyk as tsjin ien moárdner binne "jimme uwttein mei swirden ind knep-"pels om my to fangen; dei oan dei siet "ik by jimme yn di timpel om to onder-"wîzen, ind jimme hawwe my naet "grypt.

56 "Mar dit alles is sa bard, dat di "scruften fen di profeten neikomme

" scoenen." Dærop lieten alle léarlingen him sitte ind flechtten wei.

57 Dy nou Jesus grîpen laetten him nei Cajaphas, di haedprêster, hwær di scruftgeléarden ind di âldermannen ien géarleger hoalden.

58 Mar Petrus folgge him fen fjirrens nei it slot fen di haedprêster, ind er yngéande gong hy sitten onder di thsjinners om to sjæn ho it âroun.

59 Di haedprêster nou ind di âldermannen ind di hiele rie' sochten om falsk getugenis tsjin Jesus, dat hja him deye mochten, ind foanen dochs néat.

60 Mar howol ien bulte falsce getugen opkamen foanen hja hjar gading naet.

61 Mar op it læst kamen er twa, dy seinen, " Dy man het spritsen, '-Ik ken " di timpel Goads âbrekke ind yn thrye " dagen wer opbouwje.' "

62 Di haedprêster den opstéande sei tsjin him, " Andersthou néat? Dy ljoue " getûgje tsjin dy."

63 Mar Jesus swyde, ind di haedprêster it wird fetjende sei tsjin him, " Ik beswar dy by di libbenne God, " dasthou uws seiste, asthou di Christus, " di soan fen God, biste? "

64 Jesus sei tsjin him, "Jy hawwe it
"sein; mar ik sizz' jimme, fen-t-nou oaf
"scille jimme di soan fen di minsce sjæn
"sittende oan di rjochterhân fen di
"macht ind kommende op di wolken fen
"di himel."

65 Do het di haedprêster syn kléan
to flarden scuórd sizzende, "Hy het God
"lastere; hwat hawwe wy noch getugen
"nedich? Hen, nou hawwe jimme di
"Godlasteringe heárd.

66 "Hwat thinkt jimme?" Ind hja
anderjende seinen, "Hy is di déad scil-
"dich."

67 Do spyden hja him yn di throánje
ind touden him mei fuwsten. Oaren
klapten him fóar it eánsicht ind seinen,

68 "Dou Christus, profeteárje uws
"nou 'ris, hwa dy slein het?"

69 Petrus nou siet yn di geldery fen
it slot do ien fen di fammen by him kaem
ind sei', "Dou wierste ommers eák mei
"Jesus, di Galilëer."

70 Mar hy ontkende it foár hjar alle-
geárre ind sei', "Ik wyt naet hwærsthou
"oér praetste."

71 Mar do hy weigong nei di stoepe
ta séach him ien oare faem, dy tsjin di

ljoue dær sei', "Dy wier eák mei Jesus, "di Nazarener."

72 Ind do ontkende hy it wer mei ien eed, dat hy di man naet koe'.

73 Ind ien amery dærnei dy dær stienen neyer by kommende seinen tsjin Petrus, "Dou bisthe siker eák íén fen "dat folk; want dyn spraek bringt dy "uwt."

74 Do bigoan hy to flokken ind to swarren, "Ik ken di man naet."

75 Ind mei íén krâyde di hoánne. Do kaem Petrus it wird fen Jesus yn di sin sizzende, "Foár dat di hoánne "thryeris krâid het scilsthou my thryeris "forsake hawwe." Ind uwt huws géande kriet hy bitter.

XXVII.

1 DO it nou moarn wirden wier namen alle di haedprêsters ind âldermannen fen it folk rie' tsjin Jesus, ho hja him deye scoenen.

2 Ind do hja him knewele hienen hawwe hja him weilaet ind him oerjown oan Pontius Pilatus, di lânfâd.

3 Judas, dy him forrette, do sjænde, dat hy oerdield wier, krîge berou ind joech di thritich sulwerlingen oan di haedprêsters ind di âldermannen werom, sizzende,

4 "Ik die' gréat quéa' mei it forrieden "fen it onscildige bloed." Mar hja seinen, "Sjæn dou ta foár dy selfs. Hwat "rekket uws dat?"

5 Dærmei di sulwerstikken yn di timpel op keilende gong hy wei ind hingge him selme op.

6 Di haedprêsters nou di sulwerstikken opnimmende seinen, "Wy meye "se naet yn di timpelkiste smite; want "it is di priis foár it bloed."

7 Dærop mei eltsoár rie' bilizzende hawwe hja fen dat jild it erf fen di poáttebakker koft ta ien tsjerkhoaf foár di freámdelingen.

8 Dærom hjît dat erf hjoed-di-dei noch di bloedikker.

9 Do is it sizzen fen di profeet Jeremias neikomd sprekkende, "Ind hja "namen di thritich sulwerlingen, di priis "fen di prisjerre, dy hja koft hienen fen "di soánnen fen Israel.

10 "Ind hja hawwe dy jown ta it erf

"fen di poáttebakker lyk as di héare my
"opelein het."

11 Jesus nou stie' to rjocht foár di lân-
fâd, ind di lânfâd fréagge him sizzende,
"Binne jy di kening fen di Jeuden?"
Jesus anderde him, "Jy sizze it."

12 Mar op it oantiigjen fen di haedprês-
ters ind âldermannen joech hy nin andert.

13 Do sei Pilatus tsjin him, "Heárre
"jy naet, hwat hja al tsjin jou yn-
"bringe?"

14 Ind hy anderde him eák nin inkel
wird sa dat di lânfâd wakkere nuwer
opséach.

15 Op di hachstiid wier di lânfâd
wend it folk ien finsensman, dy 't hja
woenen, los to litten.

16 Nou hienen hja ien braumerke
finsensman mei namme Jesus Barrabbas:

17 Hja den forgeárre wæzende sei'
Pilatus tsjin hjar, "Hwa wolle jimme
"dat ik jimme loslit, Jesus Barrabbas
"oaf Jesus, néamd Christus?"

18 Want hy wiste dat hja him uwt
nidigheid oerlieuwere hienen.

19 Wylst hy yn di warstâl siet die'
syn wiif him tynge sizzende, "Lit dy
"naet yn mei dy rjochtfirdige. Want ik

"haw hjoed ien bulte om him uwtstien
"yn di droage."

20 Mar di haedprêsters ind di âldermannen hellen di scaren oer om Barrabbas to éaskjen ind Jesus to deyen.

21 Di lânfâd den it wird nimmende sei tsjin hjar, "Hwa fen di twa wolle
"jimme dat ik jimme loslit?" Hja nou seinen fen Barrabbas.

22 Pilatus sei tsjin hjar, "Hwat scil
"ik den mei Jesus, bynéamd Christus,
"dwaen?" "Him krusigje," roapen hja allegeárre.

23 Hy sei' do, "Hwat quéa' het hy
"den dien?" Mar hja moartten noch luwder, "It kruws foár him!"

24 Pilatus den sjænde dat hy néat bedyde, mar dat it oproar gréater waerd, naem wetter ind grobbelle syn hannen foár di éagen fen it folk sizzende, "Ik
"bin onscildich oan it bloed fen dizze
"man. Jimme meye tasjæn."

25 Ind al it folk anderde ind sei',
"Syn bloed komme oer uws ind uws
"bern."

26 Do het hy hjar Barrabbas loslitten, mar Jesus, dy hy éarst giselje liet, joech hy oer om krusige to wirden.

27 Do namen di krychslju' fen di lânfâd Jesus ind him yn di warstâl liedende hellen hja di hiele binde om him by ienóar.

28 Ind do hja him uwtstroept hienen dienen hja him ien purperen mantel om;

29 Ind ien krânze fen thoárntuwkjes frisseljende setten hja him dy op di holle, ind stîken him ien reid yn di rjochterhân, ind foár him knibbeljende dréauwen hja di spot mei him sizzende, "Goeden dei, dou kening fen di Jeu-"den!"

30 Ind him bispuyende namen hja it reid ind bruiden him op di holle.

31 Do hja him nou bispot hienen dienen hja him di mantel oaf ind stroepten him syn eigen kléan oan, ind hja laten him wei om him to krusigjen.

32 Buwten kommende metten hja ien man fen Cyrene mei namme Simon; dy presten hja om syn kruws to dragen.

33 Dærnei kommende op ien pléats mei namme Golgotha, dat sa folle is as 'plak fen di hersenpannen,'

34 Joegen hja him yettik mingd mei galle to drinken; mar hy it preaun hawwende woe' naet drinke.

35 Nei dat hja him nou krusige hienen dobbellen hja om syn kléan, dat nei komme scoe' it sizzen fen di profeet; "hja hawwe myn kléan onder ienoár "part ind hja hawwe lotte om myn " lyfdracht."

36 Ind sitten géande hoalden hja dær di wacht by him.

37 Ind boppen syn holle hienen hja syn scild set mei dit læzen, "Dit is "Jesus di kening fen di Jeuden."

38 Allyk mei him waerden do twa moárdners krusige, fén oan di rjochter ind fén oan di lofter side.

39 Di foárbygongers nou forsprîken him scodkopjende ind sizzende,

40 "Dou, dy di timpel âbrekste ind "yn thrye dagen opbouwste; help dy "selme! Asthou di soan fen God biste, "kom del fen it kruws."

41 Sa eák di haedprêsters mei di scruftgeléarden ind âldermannen stîken him di gek oan ind seinen,

42 "Oaren het hy forlozze, ind him "selme ken hy naet forlosje. As hy is "di kening fen Israel, lit hy nou den fen "it kruws delkomme, ind wy scille oan "him léauwe.

43 "Hy het op God fortrouwe; lit dy "him nou, as hy wol, uwt di need "holpje. Hy het ommers sein, 'Ik bin "Goads soan.'"

44 Krekt-ind-allyk hawwe him eák di moárdners, dy mei him krusige waerden, hune.

45 Mar fen di seisde uwre âf oan di njoggende ta wier er thsjusternisse oer it hiele lân'.

46 Om di njoggende uwre hinne roap Jesus mei luwder stimme, "Eli eli lama "sabachtani!" dat is, "Myn God, myn "God! Ho hesthou my forlitten!"

47 Jinnigen, dy dær om hinne stoenen, dat heárrende seinen, "Hy ropt "Elijas."

48 Ind íén fen hjar scéat yn ienen ta ind nimmende ien spônsje ind dy follende mei yettik, stiik er dy op ien reid ind laefde him.

49 Mar di oaren seinen, "Lit him "wæze. Lit uws sjæn oaf Elijas komt "om him to forlosjen."

50 Mar Jesus noch 'ris mei ien luwde stimme roppende blóes di læste sike uwt.

51 Ind hen, it gerdyn fen di timpel scuórde fen boppen âf oan-t-onderen ta

yn twaën, ind di groun' scodde, ind di stjinrotsen splieten.

52 Ind di græwen boárstten iepen, ind folle liken fen forstoarne hilligen stienen op.

53 Ind nei syn opwekkinge uwt di græwen riisjende gongen hja di hillige sted yn ind binne dær oan ien bulte forscynd.

54 Di hopman nou, ind dy mei him by Jesus di wacht hienen, sjænde dy ierdscoddinge ind hwat er barde, forbouwereárren dær fen sizzende, "Dy man "wier wareftich di soan fen God."

55 Dær wierne eák rju' froulju' it fen fjirren oansjænde, dy Jesus fen Galilea âf folge wierne om him to bithsjinjen.

56 Onder dizze wierne Maria fen Magdala ind Maria, di mem fen Jacobus ind Joses, ind di mem fen di soánnen fen Zebideus.

57 Do di joun fallen wier kaem er ien ryk man fen Arimathea, mei namme Joseph, dy eák yn di léare fen Jesus wæst hie'.

58 Dy gong nei Pilatus ta om it licham fen Jesus op to fréagjen, hwærop Pilatus læst joech om it âf to jaen.

59 Ind Joseph it licham nimmende bewuólle it yn fyn linnen,

60 Ind hy lei' it yn ien ny græf, dat hy yn di rotse uwtbikke hie'; ind nei dat hy ien swiere stien foár di doar fen it græf kantele hie' gong hy wei.

61 Dær nou wierne Maria fen Magdala ind di oare Maria sittende foár it græf.

62 Di oare moárns, dy nei di tarissinge is, kamen di haedprêsters ind di Farisieuwen mei ienoár by Pilatus, sizzende,

63 "Héar, it is úws ynscetten dat dy "bidrager by syn libben sein het, 'Nei "thrye dagen stéan ik op.'

64 "Bifel den om it græf to feilgjen "oan di thredde dei ta, dat syn léar-"lingen muwlk naet komme ind him "stelle, ind tsjin it folk sizze, 'Hy is "uwt di déaden opstien.' Sa dwaende "scoe di læste misset tsjoeder wæze as "di éarste."

65 Pilatus sei tsjin hjar, "Jimme "hawwe ien wacht. Géan hinne, feilgje "it, as jimme thinkt."

66 Ind hja weigéande feilgden it græf

throch di wacht hawwende di græfstien éarst forsîgele.

XXVIII.

1 TSJIN it ein fen di sabbath, by di dage fen di éarste dei fen di wike, kaem Maria fen Magdala ind di oare Maria om it græf to biloaitsen.

2 Ind hen, dær kaem ien swiere grounscodding; want ien ingel delsâyende uwt it swerk scéat ta ind kantelle di stien fen di doar oaf ind gong dær op sitten.

3 Syn gedaente nou wier as di blaxom ind syn kléan hwyt as snie.

4 Uwt bangens den foár him rekken di wachters fen hjar stik ind bistoarnen as liken.

5 Mar di ingel it wird nimmende sei tsjin di froulju', "Wæz' naet éang! Ik "wyt dat jimme om Jesus siikje, dy "krusige is.

6 "Hjir is hy naet; want hy is op-"stien, lyk as hy sein het, Kom hjir ind "sjæn it plak dær di héare lein hat.

7 "Géan gau hinne ind sizz' it oan "syn léarlingen, dat hy fen di déad op-"stien is. Ind hen, hy giet jimme